

EUROPEESK HÂNFÊST FOAR REGIONALE OF MINDERHEIDSTALEN



Claudine Brohy
Vincent Climent-Fernado
Aleksandra Oszmiańska-Pagett
Fernando Ramallo

Aktiviteiten foar skoalklassen

provinsje fryslân
provincie fryslân



Europeesk hânfêst foar regionale of minderheidstalen

Aktiviteiten foar skoalklassen

Claudine Brohy, Vicent Climent-Ferrando
Aleksandra Oszmianska-Paget Fernando Ramallo

Ried fan Europa

Ynhâldsopjefte

FOAROPWURD	2
OER DE AKTIVITEITEN FOAR SKOALKLASSEN	3
DIEL A. ALGEMIENE YNTRODUKSJE	4
1. Taalferskaat	4
1.1. Wêrom is it wichtich om taalferskaat te befoarderjen?	5
1.2. Wat kin der yn it ûnderwiis dien wurde?.....	6
2. It Europeeske Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden	6
2.1. Wat is it Hânfêst?	6
2.2. Wat binne talen fan minderheden neffens it Hânfêst?	7
2.3. Wêrom hawwe wy in Hânfêst nedich?	8
2.4. Hoe wurket it Hânfêst?	8
DIEL B. ÛNDERSIKEN: SWITSERLÂN, SPANJE EN POALEN	10
3. Switserlân	10
3.1. Eftergrûn ynformaasje	10
3.2. Switserlân en it Hânfêst	13
3.3. Útdagings yn 'e takomst	14
4. Spanje	15
4.1. Eftergrûn ynformaasje	15
4.2. Spanje en it Hânfêst.....	24
4.3. Útdagings yn 'e takomst.....	24
5. Poalen	25
5.1. Eftergrûn ynformaasje	25
5.2. Poalen en it Hânfêst.....	27
5.3. Útdagings yn 'e takomst.....	28
DIEL C. ÛNDERWIIS AKTIVITEITEN	30
LIST FAN BEGRIPEN	44
Eftergrûnynformaasje	46

FOAROPWURD

As foarsitter fan de Komitee fan saakkundigen fan it Europeeske Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden fan de Ried fan Europa, docht it my deugd dat ik jo dizze publikaasje, dy't opsteld is om stil te stean by de 20^{ste} jierdei fan it fan krêft wurden fan it Hânfêst yn 1998, oanbiede kin. It Hânfêst is it iennige juridysk binend ferdrach dat inkeld en allinne bedoeld is foar de beskerming en befoardering fan regionale talen en talen fan minderheden. Oant no ta falle likernôch 80 talen fan mear as 200 taalmienskippen ûnder it Hânfêst.

Dit dokumint is it gefolch fan in goed trochtachte skôging op it belang fan it fergrutsjen fan de sichtberens fan it Hânfêst, yn it bysûnder troch de wei fan it ûnderwiis. It foarnaamste doel is om de ûnderwiisinstellings in brûkber helpmiddel te bieden foar it fersprieden fan ynformaasje oer it Hânfêst en talen fan minderheden, en sa de bewustwurding oangeande taalferskaat te fergrutsjen.

Ik wol de neikommende minsken tige tankje: Fernando Ramallo (Universidade de Vigo), Claudine Brohy (Univer-sité de Fribourg/Universität Freiburg), Vicent Climent-Ferrando (European Network to Promote Linguistic Diversity, NPLD) en Aleksandra Oszmiańska-Pagett (Wyzsza Szkoła Języków Obcych, Poznań), leden fan de wurkgroep dy't fan de Komitee fan saakkundigen de opdracht krigen om dizze ynspirearjende publikaasje ta te rieden.

Ik hoopje dat dizze publikaasje bydraacht oan mear begryp foar de sterke kanten en swierrichheden foar wat de situaasje fan talen fan minderheden oanbelanget en de needsaak om se as mienskiplik kultureel erfgoed te stimulearjen.

Vesna Crnić-Grotić

Foarsitter fan de Komitee fan saakkundigen fan it Europeeske Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden

OER AKTIVITEITEN YN SKOALKLASSEN

Dizze publikaasje bestiet út trije dielen. Diel A is in algemien oersjoch fan taalferskaat en in beskriuwing fan it Europeeske Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden as juridysk ynstrumint.

Yn diel B steane trije foarbylden fan lânprofilen fan steaten dy't it Hânfêst ratifisearre hawwe, nammentlik Poalen, Spanje en Switserlân, lannen mei ûnderskate bestjoerlike struktueren.

Yn diel C steane tsien ûnderwiisaktiviteiten oangeande kwestjes dy't mei minderheidstalen te krijen hawwe. Rekken hâldend mei it feit dat de ûnderwiisystemen yn Europa tige ferskaat binne en algeduerigen feroarje, binne de aktiviteiten dy't dêryn neamd wurde, sa ûntwikkele dat it mooglik is om se oan te passen oan de spesifike omstannichheden fan in lân. Efteryn dit dokumint is in ferklearjende wurdlist fan de wichtichste termen dy't yn dizze publikaasje brûkt wurde, en in literatuerlist opnommen.

De publikaasje is bedoeld as útgongspunt foar in webbased projekt fan de Ried fan Europa dat oanpaste lanneprofilen en ûnderwiisaktiviteiten omfettet. Troch de ûntwikkeling fan it projekt sil in better byld fan taalferskaat ûntstean en dat sil bydrage oan it fergrutsjen fan it omtinken foar kwestjes oangeande minderheidstalen yn ús mienskippen.

Wy moedigje alle belanghawwenden oan om dizze publikaasje yn safolle mooglik talen oer te setten. It doel dêrfan is de ynformaasje foar in breed publyk tagonklik te meitsjen.

DIEL A. ALGEMIENE YNTRODUKSJE

1. Taalferskaat

Taal is in algemien en spesifyk fermogen fan minsken dat ús fan de rest fan de natuer ûnderskiedt. Dat universele fermogen wurdt projektearre yn it ferskaat fan talen oer de hiele wrâld. Dat is in gefolch fan in evolusjonêr en kontinu proses fan oanpassen oan ferskate fysike, kulturele en sosjale ramten, dy't it deistich libben fan alle minsklike groepen regelet. Yn alle talen komt dat minsklike fermogen ta utering. Taalferskaat is in bewiis fan de pluraliteit en rykdom fan it minskdom en it is de de mearfâldige utering fan dat minsklike fermogen dat elk by steat stelt om by te dragen oan it minskdom.

Talen meitsje it mooglik om ús oan te passen oan ferskate natuerlike en kulturele fermiddens, omdat se ús by steat stelle om de werklikheid om ús hinne te kodearjen, te kategorisearjen en te registrearjen. Wy brûke talen foar ûnderskate doelen. Kommunisearje is ien fan de haadfunksjes fan taal, mar net de iennige. Talen stelle minsken by steat om bannen mei-inoar oan te gean. Se wurde brûkt om de werklikheid wer te jaan, om emoasjes te uterjen en foar kreativiteit en rekreative doelen. Ien fan de eigenskippen fan talen is dat se in mienskip definiearje en har kulturele identiteit fuortsterket en ta utering bringt. As ynstruminten foar kommunikaasje en gearwurking meitsje se kontakt en útwikseling mei oare talen en mienskippen mooglik. Se sterkje de ienriedigens yn in mienskip fuort, krekt as de kontakten mei oare talen.

Alle talen wjerspegelje en bringe de ûntwikkeling fan in mienskip oan it ljocht, lykas de struktuer, de manier fan libjen, fisy op 'e wrâld en de kulturele uterings. De ûnderskate perspektiven fan de wrâld dy't alle talen biede, binne in boarne fan grutte rykdom. It foardiel fan talen is dat se ûnderwiisd en leard wurde kinne en dêrmei de kommunikaasje tusken mienskippen befoarderje kinne.

Hoewol't it krekte tal talen yn 'e wrâld net bekend is, wurdt rûsd dat dat der likernôch 7000 binne. De fersprieding oer de ûnderskate kontinenten is tige ûngelyk en folget gjin demografysk relatearre patroan. Feitliken hat in gebiet as Oseanië, mei mar 42 miljoen ynwenners, mear as 1300 talen. Dat betsjut dat 18,5% fan it folsleine tal talen op 'e wrâld yn in gebiet binne dat mar 0,6% fan de totale wrâldbefolking fertsjintwurdiget.

Hoewol't alle talen, likefolle harren struktuer of it tal sprekkers, itselde doel hawwe, wurde se net allegearre yn deselde domeinen brûkt. Om politike, militêre en ekonomyske redenen binne inkelde talen oer grutte parten fan de wrâld ferspraat, wêrtroch't it ynternasjonale talen wurden binne. Dat betsjut dat se oer de wrâld sprutsen wurde en as lingua franca leard wurde. Oare talen wurde minder faak sprutsen, mar wurde troch de steat as offisjele taal stipe. Dy talen wurde brûkt yn alle aspekten fan it libben, yn it publike domein likegoed as yn it private domein. De oergrutte mearderheid fan de talen wurdt lykwols troch mienskippen binnen in regio of it grûngebiet fan in lân sprutsen. Se wurde faak 'minderheidstalen' neamd, foaroer 'mearderheidstalen'. Dat binne faak steatstalen, dy't neist de talen fan minderheden en ymmigranten bestean kinne.

It ûnderskied tusken mearderheids- en minderheidstalen is net altyd basearre op it tal sprekkers mar yn guon gefallen mear op yn hoefier't talen politike macht genietsje. Histoarysk sjoen wiene de talen, dy't faak as de wichtichste talen sjoen waarden, ek fan de machtichste steaten. Dy talen waarden troch de steaten delset as grutte talen dy troch grutte kultueren sprutsen waarden. Dat ta skea fan lytsere taalmienskippen.

Talen ferdwine net as gefolch fan natuerlike oarsaken, útsein yn tige spesifike gefallen. It is eins better om te sizzen dat talen earder ferfongen wurde as ferdwine. Sa's ferfanging is typearjend foar prosessen fan politike en ekonomyske oerhearsking. It proses wêrby't in taal

ferfongen wurdt troch in gruttere taal, jout grutte skea op it mêd fan de yntegraasje tusken de generaasjes en de sosjale gearhing fan in mienskip. Der is in ûndúdlike grins tusken in taal dy't evoluearret en in taal dy't stadichoan troch in oare ferfongen wurdt. Dat fenomeen, dat faak as in natuerlik proses útlein wurdt, hat gauris negative gefolgen foar in taalmienskip en de rykdom oan talen fan de planeet. Der binne driuwend ynspannings fanneden om dy situaasje tsjin te gean. Oars sille oan de ein fan de 21^{ste} iuw in soad talen dy't hjoed-de-dei noch praat wurde, ferdwûn wêze.

De measte Europeeske talen hawwe beskerming en promoasje fanneden, dy't as in garânsje tsjinje sil dat dy talen brûkt wurde sille troch de neikommende generaasjes fan de mienskippen wêryn't sy al iuwenlang bestien hawwe. Dat komt omdat ûnderfinings fan de lêste tiid laat hawwe ta in ûntmoedigjende konklúzje: it ferdwinen fan talen is oer de hiele wrâld in feit, meastentiids omdat der sprake is fan ferkringing en, by einbeslút, troch de sprekkers ferlitten wurde fanwegen de foarkar foar in oare taal dy't yn it spul is.

Talen ferdwine omdat oare talen harren romte ynnimme as gefolch fan komplekse prosessen fan kulturele, politike of ekonomyske útwreiding, en dat bart net altyd sûnder konflikten. Wy witte dat wannear't in taal wetlik goed beskerme wurdt, de kânsen op it behâld dêrfan yn de rin fan de tiid grutter binne. Dat is wat der bart mei offisjele talen, dy't oer garânsjes beskikke dy't by measte oare talen dy't dy juridyske status net hawwe, ûntbrekt. Mei syn ynterkulturele en meartalige oanpak is it Hânfêst it meast effisjinte ynstrumint foar de it beskermjen en befoarderjen fan regionale- of minderheidstalen yn Europa.

1.1. Wêrom is it stimulearjen fan taalferskaat wichtich?

It ferfangen fan in taal betsjut net allinne it ferlies fan in basiselemint fan kommunikaasje, mar ek fan in kennissysteem dat him yn 'e rin fan 'e tiid ûntwikkele hat. It ferdwinen fan in taal betsjut ek it ferlies fan in unyk, net nei te meitsjen universum, dat oan in spesifyk fermidden ferbûn is. It betsjut it ferlies fan ferskaat. In folk syn taal ûntnimme betsjut it folk berôvje fan syn meast opmerklige en natuerlike manifestaasje fan syn foarm fan minske-wêzen. Nimmen wint as in taal ferlern giet.

It behâld fan talen, likefolle it tal sprekkers en likefolle harren definysje as mearderheids- of minderheidstalen, easket in nije oanpak fan hoe't wy taalferskaat opfetsje moatte. Wy moatte derop oan dat foaroardielen ideologyen oer minderheidstalen bestriden wurde, dat ferskaat en ûnderskied as posityf sjoen wurde en talen beskôge wurde kinne as in weardefol besit dat aktyf oanpriizge wurde kin.

Der moat spesjaal omtinken komme foar dy minderheidstalen, dy't muoite hawwe om te oerlibjen en dy't mear stipe fanneden binne. Allinne troch it jaan fan dy stipe kinne dy talen ta bloei komme. Lykas yn de ôfbylding hjirûnder, moat besocht wurde om dy sprekkers te helpen dy't dat it meast fanneden binne, sadat se op foet fan gelikensens dielnimme en bydrage kinne oan de minsklike ûntwikkeling.

It is wichtich om de kaairol fan skoallen te ûndersykjen om in positive oanpak fan taalferskaat te hantearjen en alle talen as weardefolle aktiva te beskôgjen en dy aktyf oan te priizgjen. De ferantwurdlikens foar dy taak leit yn it foarste plak by de lokale, regionale en steatsoerheden, en ek by ynternasjonale organisaasjes. Dêrom binne skoallen it gaadlike plak om taalferskaat as realiteit en weardefol besit te befoarderjen, benammen yn it ramt fan offisjele ientaligens, om sa it bewustwêzen te fergrutsjen alle foarmen fan diskriminaasje oangeande minderheden en regionale- en minderheidstalen bestride te kinnen.

1.2. Wat kin der binnen it ûnderwiis dien wurde?

Skoallen spylje in krúsjale rol yn it befoarderjen fan minderheidstalen, net allinne yn de gebieten dêr't se praat wurde, mar benammen yn ientalige gebieten. Se kinne dat dwaan troch it bewustwêzen fan it bestean fan dy talen yn it lân te fergrutsjen en in model oan te nimmen wêryn't se neist inoar bestean kinne en wêryn't taalferskaat it sintrale argumint wurdt. Dêrom is it fan essinsjeel belang om pedagogysk materiaal te ûntwikkeljen om sa te kommen ta in strategy dy't taalferskaat as in foardiel sjocht.

It is faak sa dat guon ynternasjonale talen lykas it Ingelsk of Spaansk beskôge wurde as wichtiger en mear weardefolle talen, wylst minderheidstalen faak mear identiteit of emosjonele wearde krije, sûnder in soad romte foar it brûken dêrfan. It ûnderwiis moat dy foaroardielen bestride en him dwaande hâlde mei in ynklusive oanpak fan alle talen en harren wearde en rykdom beklamje.

It tredde part fan dizze útjefte omfiemet in rige aktiviteiten dy't binnen klasselokalen fierder ûntwikkele wurde kinne en dy't in breder en mear ynklusyf byld fan taalferskaat helpe kinne te befoarderjen.

2. It Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden

2.1. Wat is it Hânfêst?

It Hânfêst is in ynternasjonaal ferdrach. It is bedoeld om regionale- en minderheidstalen te helpen om harren te ûntwikkeljen, dat wol sizze om brûkers fan dy talen de gelegenheid te bieden om de talen op skoalle, op it wurk, yn de media, yn gerjochtshôven en it bestjoer, mar ek yn in ekonomyske en kultureel fermidden te brûken. It jout lannen ynsicht yn wat se dwaan kinne om dat te organisearjen en dy gelegenheden foar harren praters ta stân te bringen. Alle lidsteaten kinne dat ferdrach ûndertekene en dêrnei ratifisearje; it Komitee fan Ministers fan de Ried fan Europa kin alle steaten dy't gjin lid binne fan de Ried fan Europa útnûgje om by dit Hânfêst oan te sluten. It is wichtich om te neamen dat it Hânfêst net allinne ûndertekene wurde moat, mar ek noch bekrêftige wurde moat om fan krêft te wurden. Yn 2018 waard it Hânfêst troch 25 fan de 47 lidsteaten fan de Ried fan Europa bekrêftige. Dêrneist waard it troch noch ris acht steaten allinne ûndertekene.

It Hânfêst bestiet út fjouwer dielen, allinne yn diel II en diel III steane ferplichtings dy't ferbân hâlde mei de beskerming en befoardering fan minderheidstalen. Diel II giet oer alle regionale of minderheidstalen yn de steat, wylst de talen dy't ûnder diel III falle ôfhinklik binne fan de kar fan de steat. Dat betsjut dat yn guon gefallen in taal allinne ûnder diel II falt, bygelyks it Francoprovençaals yn Switserlân of it Aragoneesk yn Spanje. Diel I en diel IV geane oer de technyske tapassing fan it ferdrach.

2.2. Wat binne talen fan minderheden neffens it Hânfêst?

It Hânfêst is fan tapassing op regionale- of minderheidstalen dy't by âlds yn ien of mear regio's fan in steat praat wurde. It Hânfêst definiearret minderheidstalen as dy talen dy't 'by âlds brûkt wurde binnen in beskaat grûngebiet fan in steat troch ûnderdienen fan dy steat dy't in groep foarmje dy't wat oantallen oanbelanget lytser is as de rest fan de befolking fan

de steat' en talen dy't 'ferskille fan de offisjele taal (talen) fan dy steat; it omfiemet gjin dialekten fan de offisjele taal (talen) fan de steat of de talen fan migranten'.

Sels as dy talen as minderheidstalen beskôge wurde, kin it wêze dat se de mearderheidstaal binne yn de regio dêr't se praat wurde, mat net yn de steat as gehiel. In foarbyld dêrfan is it Galisysk yn Galisië (Spanje).

Faak wurde minderheidstalen yn iepenbiere domeinen beheind brûkt, lykas bygelyks: skoallen, justysje, media, bestjoer of sikehuzen. Dêrmei binne it tal sprekkers likegoed as de juridyske status fan de taal kritearia dy't de trochslach jouwe om in taal as minderheids- of mearderheidstaal te beskôgjen. In taal kin yn in regio wat oantallen oanbelanget dominant wêze mar dochs in minderheidstaal wêze, op grûn fan it perspektyf fan de wetlike status of sosjale sichtberens ferlike mei oare steatstalen. Yn in Europa dat karakterisearre wurdt troch bûtengewoane mobiliteit, is de nuânse 'by âlds praat yn in steat' fan fûneminteel belang om te begripen dat de talen fan resinte ymmigraasje net ûnder de beskerming fan it Hânfêst falle.

It proses fan it ûnderwurdearjen fan talen kin ûnderskate oarsaken hawwe. Yn guon gefallen binne der regio's binnen de Europeeske steaten dy't by âlds in oare taal brûkten as de offisjele taal (bygelyks it Welsh yn it Feriene Keninkryk of it Frysk yn Nederlân). De oare reden is dat yn de skiednis fan Europa de grinzen algeduerigen feroare binne en dat guon gebieten faak ta ûnderskate steaten heard hawwe (bygelyks it Litousk yn Poalen, it Poalsk yn Litouwen en it Dútsk yn Poalen). It oare foar de hân lizzende foarbyld is mobiliteit, dat wol sizze, dat hieltyd mear minsken ferhuzet om yn in oar gebiet te wenjen en te wurkjen. Yn dat gefal soe harren taal oantsjut wurde as allochtoane minderheidstaal, in typearring dy't net ûnder it Hânfêst falt.

Hoewol't it kritearium oangeande it territoarium fan fûneminteel belang is foar de talen dy't troch it Hânfêst beskerme wurde, binne der yn Europa noch oare talen dy't in territoarium misse, mar dy't oarspronklik troch boargers fan de steat praat wurde. Dy talen, ek wol 'net-territoriale talen' neamd, wurde ek troch it Hânfêst beskerme. Yn it bysûnder it Jiddysk en de taal fan de Roma-mienskippen, dy't hûnderten jierren lang oer hiel Europa ferspraat binne en wêrfan't de fitaliteit yn de ûnderskate steaten ûngelyk is. It tal beskerme talen yn de oanbelangjende steaten fariearret fan 1 oant 20. Denemarken beskermet bygelyks mar ien taal, wylst Bosnië en Hertsegowina 15 talen beskermet en Roemenië 20.

2.3. Wêrom hawwe wy it Hânfêst nedich?

It doel fan it Hânfêst is om dy situaasje te feroarjen en derfoar te soargjen dat de mooglikheden foar it brûken fan tradisjonele regionale- en minderheidstalen echt besteane en net allinne thús. Yn oare gefallen helpt it ek dat sprekkers de taal fan harren pake en beppe en oerpake en -beppe leare, omdat sy dy kâns thús net hiene.

It learen fan in minderheidstaal is lykwols net genôch. It is wichtich om derfoar te soargjen dat de minderheidstaal oanwêzich is yn oare domeinen, lykas justysje, bestjoer, media, kultuer, yn it ekonomysk ferkear en yn it sosjale libben.

It wichtichste doel fan it Hânfêst is om minsken te helpen de taal net allinne yn 'e klasse te learen. It is ek bedoeld om harren de kâns te bieden harren taalfeardeichheden te ûntwikkeljen troch it nijs en boeken te lêzen, nei ferskes te harkjen, toanielstikken of films te sjen, of troch sels sjoernalist, filmmakker of útfierend artyst te wurden.

2.4. Hoe wurket it Hânfêst?

Wannear't in steat it Hânfêst bekrêftiget, ûndersiket it hokker 'regionale- of minderheidstalen' yn de sin fan it Hânfêst yn it lân brûkt wurde en dy't ûnder dat ferdrach stimulearre wurde kinne. De steat wurdt ek frege om in kart te meitsjen út de list fan ferplichtings út it Hânfêst op ûnderskate mêden, lykas: skoalle, rjochtbank, media, bestjoer, kultuer, sakelibben en útwikselings oer grinzen hinne (dy binne allegearre opnommen yn Diel III fan it Hânfêst). In steat kin der bygelyks foar kieze om it mooglik te meitsjen om alle skoalfakken of guon skoalfakken yn dy taal te jaan of om de minderheidstaal sels as in skoalfak te jaan. As it bygelyks giet om media, kin in steat derfoar kieze om finansiering beskikber te stellen foar it kreëarjen fan in tv- of radiokanaal inkeld en allinne yn de minderheidstaal of yn stee dêrfan allinne programma's yn de minderheidstaal te stypjen. Om beslute te kinne hoefolle oft der binnen in beskaat domein fan it iepenbiere libben bart, moat de steat de sprekkers fan de minderheidstaal rieplachtsje, dat wol sizzen harren net-gûvernemintele organisaasjes.

De oare opsje is dat de steat oanjout hokker regionale- en minderheidstalen ûnder Diel II fan it Hânfêst falle sille. Dat part fan it Hânfêst giet oer it stimulearjen fan minderheidstalen op deselde mêden as it iepenbiere libben as diel III, mar se wurde yn mear algemiene bewurdings pleatst en moatte allegearre akseptearre wurde. Bygelyks: in steat is ferplichte om te foarsjen yn it ûnderwiis yn/fan de minderheidstaal op alle geskikte ûnderwiisnivo's. Yn dit gefal stelt de steat fêst, yn gearwurking mei de praters fan de minderheidstaal, wat de bêste manier is om dy taal te ûnderwizen en te studearjen en op hokker ûnderwiisnivo's.

Steaten dy't partij binne by it Hânfêst moatte ferslach útbringe oan de Ried fan Europa oer it tapassen fan it ferdrach. Fan 1 july 2019 ôf presintearje sy om de fiif jier in wiidweidich periodyk rapport en jouwe dan twaenheal jier letter ynformaasje oer de nommen prioritêre maatregels. Nei ûntfangst fan it periodike rapport besiket in delegaasje fan it Komitee fan Saakkundigen fan it Hânfêst dêrnei it lân om mei net-gûvernemintele organisaasjes (NGO's) en oerheden fan minderheden te praten om sa te evaluearjen oft der maatregels nommen binne en ek oft se wurke hawwe.

Nei ôfrin fan de besite stelt it Komitee fan saakkundigen syn eigen evaluaasjeferslach fêst en dat wurdt foar kommentaar oan de steat beskikber steld. It proses wurdt ôfsletten troch it goedkarren fan de oanrekommandaasjes troch it Komitee fan Ministers oer de maatregels dy't fuortdaliks nedich binne om de situaasje fan de minderheidstalen yn de steat te ferbetterjen en de publikaasje fan it rapport.

DIEL B. CASESTÚDZJES: SWITSERLÂN, SPANJE EN POALEN

Elk fan de 25 steaten dy't it Hânfêst bekrêftige hawwe yn de 20 jier dat it fan krêft west hat, hat syn eigen histoaryske eftergrûn, kultureel ferskaat en wetlik ramt. Fanwegen de beheinde romte befettet dit diel ynformaasje oer trije steaten, dy't, sûnder harren eigenheid te ferliezen, paradigmatiske foarbylden foarmje. De trije steaten binne Switserlân, Spanje en Poalen. It wichtichste kritearium foar it rjochtfeardigjen fan dizze seleksje wie de bestjoerlike struktuer fan de steat. Switserlân kin beskôge wurde as in foarbyld fan in federale steat, dêr't alle kantons in in soad autonomy hawwe, ynklusyf in eigen grûnwet (ferlykber mei Eastenryk of Dútslân). Spanje wurdt definiearre as in steat mei ûnderskate soarten autonomy mei in hege desintralisaasje, dêrûnder taalkompetinsjes, by't benammen yn hannen binne fan de regio's, de saneamde autonome mienskippen. As lêste is Poalen in foarbyld fan in sintralisearre steat, dy't wol wat te ferlykjen is mei in soad steaten dy't it Hânfêst ratifisearre hawwe.

3. Switserlân

3.1. Eftergrûnynformaasje

Switserlân hat him stadich ûntwikkele fan in bûnsgenoatskip tusken trije kantons yn 1291 ta de sterk desintralisearre konfederaasje fan 26 kantons fan tsjintwurdich. It earste folweardige Frânsktalige territoarium dat him by de federaasje oansleat wie it twatalige kanton Fribourg/Freiburg (1481). De trije lêste kantons (Wallis, Neuchâtel en Genève) sleaten yn 1815 oan. De lêste feroaring yn de kantons wie mei de oprjochting fan it kanton Jura yn 1978, dat him fan it twatalige kanton Bern/Berne ôfskifte. De losse federaasje fan kantons dy't oant de Frânske Revolúsje bestie, wie in Dútsktalige entiteit. It hat lykwols nea de alliearde kantons of de besette gebieten ferdútske. Yn 17 fan de 26 kantons is Dútsk de offisjele taal op kantonnaal en lokaal nivo, yn trije kantons is dat it Frânsk. Yn twa kantons binne it Frânsk (Jura) en it Italiaansk (Ticino) de offisjele talen op kantonnaal nivo, wylst it Dútsk yn ien gemeente brûkt wurdt. Trije kantons binne twatalich (Frânsk en Dútsk) en ien kanton is trijetalich (Dútsk, Retoromaansk en Italiaansk).

De federale status en it subsidiariteitsprinsipe fan it lân mei syn 26 kantons, dy't allegearre in grûnwet, in parlemint en in regearing hawwe en soeverein binne oangeande ûnderwiis en kultuer, neist oare taalgefoelige kwestjes, wurde as garânsje beskôge foar sosjale kohezje en de beskerming en ûnderhâld fan alle nasjonale talen. Switserlân hat yn 2007 in federale Taalwet ôfkundige en yn 2010 in federale Taalferoarding, dêr't de details fan de bepalings fan Kêst 70 fan de federale grûnwet oangeande de offisjele talen yn fêstlein binne.

Kêsten oangeande taalferskaat en -gebrûk yn de federale grûnwet (1999)

Preâmbule

..fêstbesletten om mei-inoar te libjen mei oandacht en respekt fan wjerskanten foar harren ferskaat...

Kêst 4 Nasjonale talen

De nasjonale talen bin it Dútsk, it Frânsk, it Italiaansk en it Retoromaansk.

Kêst 18 Frijheid om alle talen te brûken

De frijheid om alle talen te brûken is garandearre.

Kêst 31 Frijheidsberôving

2. Elk minske dat fan syn frijheid berôve wurdt, hat it rjocht om fuortdaliks op hichte steld te wurden fan de redenen foar syn oanhâlding en fan syn rjochten yn in taal dy't er begrypt.

Kêst 69 Kultuer

3. By it ferfoljen fan de taken (fan de Bûnssteat) wurdt rekken hâlden mei it kultureel en linguistysk ferskaat fan it lân.

Kêst 70 Talen

1. De offisjele talen fan de Bûnssteat binne Dútsk, Frânsk en Italiaansk. It Retoromaansk is ek in offisjele bûnstaal, wannear't der kommunisearre wurdt mei persoanen dy't Retoromaansk prate.

2. De kantons nimme beslute oer harren offisjele talen. Om de harmony tusken taalmienskippen te bewarjen, respektuarje de kantons de tradisjonele territoriale fersprieding fan talen en hâlde se rekken mei autochtone taalminderheden.

3. De Bûnssteat en de kantons sille it begryp en de útwikseling tusken de taalmienskippen stimulearje.

4. De Bûnssteat stipet de meartalige kantons by it ferfoljen fan harren spesjale taken.

5. De Bûnssteat stipet maatregels fan de kantons fan Graubünden en Ticino foar it behâlden en stimulearjen fan it Retoromaansk en de Italiaanske talen.

Kêst 175 Gearstalling en ferkiezing

4. By de ferkiezing fan de Bûnsried (federale oerheid) moat derfoar soarge wurde dat de ûnderskate geografyske- en taalregio's fan it lân genôch fertsjintwurdige binne.


Fuotnoat: Boppesteande oersetting is inkeld en allinnich foar ynformaasje en hat gjin inkelde rjochtskrêft.

In tal wetteksten op nasjonaal nivo hawwe te krijen mei talen en meartaligens, bygelyks op it mêd fan media, Bûnsgearkomsten, ûnderwiis, kultuer, ensfh. Alle meartalige kantons hawwe ûnderskate foarskriften oangeande it brûken fan harren offisjele talen en oare fariaasjes yn harren grûnwet en wetjaand apparaat. It kanton fan Graubünden/Grischun/Grigionie hat in Taalwet (2006) en in Taalferoarding (2007) dy't detaillearre regels jout oangeande de oersetting en it gebrûk fan de trije offisjele talen as taal foar bestjoer, polityk en ûnderwiis, en ek de promoasje en beskerming fan de twa kantonale minderheidstalen: it Retoromaansk en it Italiaansk.

De Switserske konferinsje fan kantonale ministers fan Underwiis koördinearret de ûnderwiiskwestjes omdat der op nasjonaal nivo gjin ministearje fan Underwiis bestiet. Neffens harren moatte alle studinten by it ferplichte ûnderwiis op syn minst twa bûtenlânske talen leare (in nasjonale taal en Ingelsk). De folchoarder dêrfan is in ûnderwerp fan yntinsive diskusjes binnen de taalmienskippen. It learen fan dy talen moat neist mobiliteit, ek de sosjale, kulturele en ekonomyske kontakten garandearje, yn likegoed as bûten it lân. Nasjonale en kantonale ynstellings organisearje útwikselings fan skoallen, studinten en ûnderwizers en aktiviteiten bûten de taalgrinzen.

Switserlân hat in befolking fan mei-inoar 8,4 miljoen ynwenners, 63% praat Dútsk, 22,7% Frânsk 8,1% Italiaansk, 0,5% Retoromaansk en 23,3% in oare taal (Switsersk buro foar de statistyk, 2015). Likernôch 25% fan de befolking hat net in Switsersk paspoart, 36,8% fan de befolking âlder as 15 jier hat in migraasje-eftergrûn en 21,5% praat in oare taal as de nasjonale talen as haadtaal. De wichtichste 'net-nasjonale haadtalen' binne it Ingelsk, it Portugeesk, it Albaneesk, it Servysk, it Kroätysk en it Spaansk.

Kaart 1. Geografyske sprieding fan de fjouwer nasjonale talen



Boarne: Switsersk buro foar de statistyk

Neist migrantetalen binne ek de 'dialekten fan de offisjele ta(a)l(en) fan de steat' (kêst 1.a.) fan it Hânfêst útsletten. Yn in lân mei in brede taalkundich ferskaat binnen taalmienskippen is dat in krúsjaal probleem. De Dútske fariëteiten yn Switserlân, dy't allegearre behoarlik fan it (Switsersk) standert Dútsk ôfwike, wurde net apart beskerme troch it Hânfêst, mar wol as ûnderdiel fan it Dútsk yn de gebieten dêr't it Dútsk wol ûnder it Hânfêst falt. Sy wurde troch alle sosjale klassen praat yn lanlike gebieten likegoed as yn stêden en op alle maatskiplike mêden. Ek wurde se brûkt foar ynformele skriftlike doelen, benammen yn de kommunikaasje en social media, en foar literatuer en kulturele aktiviteiten. Itselde jildt foar de Italiaanske dialekten yn it kanton fan Ticino (Lombardyske dialekten yn it Alpegebiet wurde wikseljend troch it Retoromaansk beynfloede).

Oangeande it Retoromaansk, in taal dy't troch likernôch 50.000 minsken praat wurdt en besibbe is oan it Ladinysk of Friulaansk (Italië), beskermet it Hânfêst alle fiif skreaune idiommen, de mûnlige fariëteiten en ek de standerdisearre en unifoarme taal Rumantsch Grischun, dy't yn 1982 troch Heinrich Schmid, heechlearaar Romanistyk út Zürich, ûntwikkele waard. Dat is lykwols net unanym akseptearre, benammen net yn it ûnderwiis.

It Retoromaansk is sûnt 1938 in nasjonale taal en waard by in nasjonale stimming troch in grutte mearderheid (91,6%) en alle kantons akseptearre as in reaksje op fassistyske en yrredintyske bewegings. It tal minsken dat Retoromaansk praat rint lykwols werom. Op in soad mêden is it behearskjen fan it Switsersk Dútsk en standert Dútsk perfoarst needsaaklik, dus binne alle minsken op syn minst twatalich, Retoromaansk en Dútsk en yn in soad gefallen behearskje se ek noch it Italiaansk, Frânsk en Ingelsk.

Yn it Frânsktalige part fan Switserlân wurdt it Francoprovençaals (troch de brûkers Patois neamd) troch linguïsten sûnt de njoggentjinde iuw beskôge as in aparte en ûnôfhinklike Gallo-Romaanske taal. It fiifde evaluaasjerapport (2013) oer de tapassing fan it Hânfêst yn Switserlân, stimulearre de Switserske autoriteiten om te ûndersykjen oft it

Francoprovençaals in regionale of minderheidstaal is. It seisde evaluaasjerapport (2016) konkludearre dat 'der in algemiene konsensus yn de Switserske mienskip liket te wêzen dat it Francoprovençaals in op himsels steande taal is dy't by âlds yn Switserlân praat wurdt en dêrom ûnder Diel II falt' (2016: 19). It Komitee fan Ministers hat de Switserske autoriteiten oanrekommandearre om 'it Francoprovençaals as in regionale of minderheidstaal te erkennen dy't by âlds yn Switserlân praat waard en dat, yn gearspraak mei de praters, de bepaling fan Diel II dêrop fan tapassing binne' (2016:23). Dêrom hawwe de Switserske autoriteiten yn it sânde periodike rapport ferklearre dat se it Francoprovençaals beskermje en befoarderje wolle en ek it Franc-Comtois, dat yn it kanton Jura brûkt wurdt (2018:13), dy't deselde sosjolinguïstyske skaaimerken diele en yn de grûnwet as kultureel erfgoed neamd wurde.

3.2. Switserlân en it Hânfêst

Switserlân hat it Europeeske Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden yn 1993 ûndertekene en yn 1997 bekrêftige. It waard yn 1998 yn Switserlân fan krêft. Switserlân is in bysûnder gefal, yn dy sin dat it Italiaansk en it Retoromaansk, de twa talen dy't ûnder Diel III falle, neist it Dútsk en it Frânsk, nasjonale talen op federaal nivo binne. Dêrneist binne it op kantonnaal nivo ek de offisjele talen yn twa kantons (Italiaansk en Retoromaansk yn it offisjeel trijetalige kanton fan Graubünden/Grishun/Grigioni, en Italiaansk yn it kanton Ticino). Fierder is it Italiaansk, mei it Dútsk en Frânsk, ek in offisjele taal op federaal nivo, wylst it Retoromaansk op steatsnivo as semyoffisjele taal beskôge wurdt. Yn dy sin binne it Italiaansk en it Retoromaansk, de twa talen yn Diel III, gjin regionale of minderheidstalen, mar wurde se as offisjele talen beskôge, dy't 'minder brûkt wurde yn it hiele of in part fan it territoarium' (ferl. Art. 3 al. 1 fan it Hânfêst). Switserlân hie nasjonale likegoed as ynternasjonale redenen om it Hânfêst te bekrêftigjen. Ut nasjonaal perspektyf wei woene se de nasjonale fjouwertalichheid beskermje, in wichtich doel fan it Switserske taalbelied, en út it ynternasjonale perspektyf wei sjoen stribbet it lân dernei om de problemen oangeande kultureel ferskaat en de beskerming fan minderheden binnen Europa op te lossen.

Yn Diel II wurde alle fjouwer nasjonale talen beskerme foar safier't se yn de kontekst fan in minderheid ynpast binne, bygelyks yn de meartalige kantons (Frânsk yn it kanton Bern/Berne, Dútsk yn de kantons fan Fribourg/Freiburg en Valais/Wallis) en taaleilannen yn de buert fan taalgrinzen, bygelyks Dútsk yn Bosco-Gurin (kanton Ticino) en yn Ederswiler (kanton Jura). It net-territoriale Jenysk, de taal fan sigeuners (likernôch 35.000 minsken) mei in fêstige, in semynomadyske of nomadyske libbenswize wurdt ek ûnder Diel II beskerme, krekt as it Francoprovençaals en it Franc-Comtois.

De measte oanrekommandaasjes fan it Komitee fan Ministers hawwe te krijen mei de beskerming fan it Retoromaansk, benammen op it mêd fan it gerjocht en bestjoer en se hawwe ek te krijen mei it bestjoerlike gebrûk fan it Italiaansk yn it kanton Graubünden/Grishun/Grigioni, wylst de situaasje foar it Italiaansk yn Ticino hiel goed is. It Komitee fan Saakkundigen is wiis mei de ynspannings dy't foar it Retoromaansk op de mêden fan media en ûnderwiis dien wurde.

3.3. Takomstige útdagings

De útdaging yn Switserlân is om it Italiaansk en it Retoromaansk fierder te beskermjen en te stimulearjen, benammen bûten de tradisjonele gebieten fan de kantons fan Graubünden/Grishun/Grigioni en Ticino, en om de minsken dy't it net prate te motivearjen om dy minderheidstalen te learen. It Italiaansk soe ek mear yn de federale polityk en it bestjoer

brûkt wurde kinne. Yn de trije twatalige kantons moatte it Dútsk likegoed as it Frânsk beskerme wurde wannear't se op kantonnaal, distrikt- of gemeentlik nivo leechlein wurde. Takomstige gearfoegings fan gemeenten yn it kanton fan Graubünden/Grishun/Grigioni en op de taalgrinzen kinne de status fan minderheidstalen beynfloedzje en swakker meitsje en moatte sekuer folge wurde. De hjoeddeistige ûntwikkelings op it mêd fan media, lykas it gearfoegjen en it ferdwinen fan kranten, kin ek in tige neidielich op minderheidstalen hawwe. Der soene oplossings socht wurde moatte om dat wichtige domein fuort te sterkjen.

Der soe in stappeplan ûntwikkele wurde moatte foar de beskerming en it op 'en nij ta bloei bringen fan it Francoprovençaals en it Franc Comtois, krekt as foar it Dútsk yn Bosco Gurin (Ticino), dêr't in soad ynwenners it âlde Ggurijnartitsch prate, in Walser dialekt dat ernstich bedrige wurdt. Foar wat it Retoromaansk op skoallen oanbelanget, liket der in modus vivendi fûn te wêzen tusken it brûken fan tradisjonele idiomen en Rumantysk Grishun.

4. Spanje

4.1. Eftergrûnynformaasje

Sûnt it ûntstean fan it moderne Spanje is it in meartalich lân. Eins bestie in grut tal talen, dat no yn de ûnderskate Autonome Gebieten praat wurdt, al foar it ûntstean fan it moderne Spanje, mar earst koartlyn is harren status as maatskiplik legitimearre taal erkend. De wichtichste foarútgong wie yn de lêste 30 jier fan de 20^{ste} iuw, troch de oergong fan in diktatoriaal rezjym nei in parlemintêre monargy. Yn de tiid fan de Spaanske diktatuer ûnder Franco (1939-1975) waarden oare talen as it Spaansk slim diskriminearre en ûnderdrukt troch it brûken yn it iepenbier te beheinen. Wannear't heard waard dat immen yn it iepenbier in minderheidstaal brûkte, dan waard dy straft en ûnderdrukt.

Mei de ynfiering fan de Spaanske grûnwet (1978) briek in geunstiger perioade foar talen oars as it Spaansk oan. Der binne lykwols noch hieltyd opfallende ûnderlinge ferskillen. Hoewol't de autonomystatuten fan guon mienskippen de beskerming en promoasje fan harren talen tige stypje, hawwe oaren yn de ôfrûne 40 jier frij passyf west oangeande it stimulearjen fan harren eigen talen.

Krekt as yn alle oare steaten yn Europa is it taalferskaat yn Spanje in wearde dy't erkend, respektarre en beskerme wurde mei as ymmaterieel erfoed. Fariaasjes yn talen, yn de taal sels likegoed as tusken talen ûnderling, is in oanwinst dy't op alle mêden stipe wurde moat, en it ûnderwiis is dêrby fan it aldergrutste belang. It ûnderwiissysteem is essinsjeel as it derom giet dat taalferskaat op de goede manier stimulearre, wurdearre en beheard wurdt, en it op in positive en kreative manier ûnderwizen fan taalferskaat om akseptaasje fan wjerskanten, freedsume ko-ëksistinsje en erkenning op deselde foet te garandearjen.

Útsein it Spaansk, de iennige offisjele taal yn Spanje, wurde der alle dagen yn de ûnderskate regio's oare talen praat. Wylst guon fan dy talen troch miljoenen minsken praat wurde, ferkeare oaren, demografysk sjoen, yn in dregere situaasje. Sels de talen dy't troch tal fan minsken praat wurde, hawwe wetlike en politike stipe nedich om harren fuortbestean op de middellange termyn likegoed as op de lange termyn garandearje te kinnen. En, wylst guon fan dy talen in beskate juridyske erkenning en grutte ympuls fan regionale oerheden en publike ynstelling krije, hawwe oaren hast oan hielendal gjin publike erkenning en binne by de befolking fan it gebiet, dêr't se tradisjoneel praat wurde, net bot bekend. Der binne ûnderskate typen talen, de saneamde territoriale talen, dy't harren by âlds yn in spesifyk geografysk part fan de steat ûntwikkele hawwe, en de saneamde net-territoriale talen, dy't sûnder ûnderskied yn alle parten fan de steat praat wurde.

De neikommende talen wurde yn Spanje praat: Amazigh, Arabysk yn Ceuta, Aragoneesk, Araneesk, Asturysk, Baskysk, Caló, Katalaansk/Valenciaansk, Galisysk, Leoneesk en Portugeesk. De status fan guon fan dy talen binnen it Hânfêst is noch net dúdlik.


Tabel 1. Talen, gebiet en rjochtsposysje¹

Taal	Gebiet	Rjochtsposysje
Amazigh	De stêd Melila	Net-offisjeel
Aragoneesk	Aragón	Net-offisjeel
Araneesk (ek bekend as Oksitaansk)	Kataloanië	Offisjeel
Asturysk	Asturië	Net-offisjeel
Baskysk	Baskelân	Offisjeel
	Navarra	Offisjeel yn in part fan it grûngebiet
Caló	Net-territoriale taal	Net-offisjeel
Katalaansk	Aragón	Net-offisjeel
	Balearen	Offisjeel
	Kataloanië	Offisjeel
	Valensia (as Valensjaansk)	Net-offisjeel
Galisysk	Mursia (as Valensjaansk)	Net-offisjeel
	Asturië	Net-offisjeel
	Kastilië en León	Net-offisjeel
	Galisië	Offisjeel
Leoneesk	Extremadura (ek bekend as Fala)	Net-offisjeel
	Kastilië en León	Net-offisjeel
Portugeesk	Extremadura	Net-offisjeel

Sa't wy op ûndersteande kaart sjogge wurde minderheidstalen praat yn 11 fan de 17 autonome mienskippen yn Spanje en yn de twa autonome stêden Ceuta en Melila. Eins wennet sawat 45% fan de befolking fan Spanje yn in gebiet dêr't in autochtoane minderheidstaal praat wurdt. Dat betsjut net dat hast de helte fan de Spaanske befolking geregeld in minderheidstaal praat. It toant lykwols oan dat in opmerklik persintaazje fan de befolking mear of minder oan twatalige of meartalige omstannichheden bleatsteld wurdt.

Kaart 2. De geografyske ferdieling fan minderheidstalen yn Spanje

¹ Boppedat besteande der neist dizze talen ek twa soarten gebeartetaal yn Spanje: Katalaanske gebeartetaal (offisjeel yn Kataloanië) en Spaanske gebeartetaal (offisjeel yn Spanje. Gebeartetalen falle lykwols net ûnder it Hânfêst.



Boarne: Copyleft útbrocht ûnder lisinsje CC BY-SA 3.0; basearre op "File: Lenguas Iberorromance.PNG" troch Fobos92 op Wikimedia Commons, bewurke troch Víctor Fresco & Fernando Ramallo.

	Amazigh
	Arabysk yn Ceuta
	Aragoneesk
	Araneesk
	Asturysk
	Baskysk
	Katalaansk/Valensiaansk
	Galisysk (ynklusyf Fala yn Extermadura)
	Leoneesk
	Portugeesk

It gebrûk fan minderheidstalen yn de ûnderskate gebieten fan Spanje rint útinoar. Gâns in part fan de befolking praat geregeld in minderheidstaal, benammen yn Aragón (yn de gebieten dêr't Katalaansk praat wurdt), Asturië, de Balearen, Baskelân, Kataloanië, Ceuta, Extremadura (yn de gebieten dêr't Galisysk/Fala praat wurdt, Galisië, Melilla en Valencia. De minderheidstalen dy't minder praat wurde, binne Araneesk yn Val d'Aran (Kataloanië), Aragoneesk yn Aragón, Baskysk yn Navarra, Katalaansk/Valensiaansk yn Mursia, Leoneesk yn Kastilië en León en Portugeesk yn Extremadura. De measte twatalige minsken yn Spanje prate in minderheidstaal. It is wichtich om de klam derop te lizzen dat alle steatsboargers yn Spanje it Spaansk folslein behearskje, wylst net alle minsken dy't yn in regio mei minderheidstalen berne binne, dy minderheidstaal ek brûke.

It Amazigh yn Melilla, it Arabysk yn Ceuta, it Galisysk/Fala, it Portugeesk yn Extremadura en it Valensiaansk yn Mursia wurde net erkend yn de autonomystatuten. Om harren fitaliteit te behâlden, fuort te sterkjen en werom te bringen is in strukturearre taalbelied nedich.

4.2. Spanje en it Hânfêst

Spanje ûndertekene yn 1992 it Europeeske Hânfêst foar Regionale talen en talen fan minderheden, mar bekrêftige it earst yn 2011, hast 10 jier letter. Dêrfoar hiene inkelde talen al aardich wat beskerming. Sa krigen guon talen yn de ûnderskate regionale autonomystatuten yn harren gebiet de status fan twadde offisjele taal, neist it Spaansk (sjoch tabel 1). It is wichtich om op te merken dat kêst 3.2 fan de Spaanske grûnwet fan 1978 oan minderheidstalen de mooglikheid biedt om twadde offisjele taal te wurden 'yn de respektivelike Autonome Mienskippen neffens harren autonomystatuten'. Mei oare wurden: de Spaanske grûnwet delegearret de offisjele erkenning fan minderheidstalen nei de autonomystatuten yn de ûnderskate regio's. It is oan de ûnderskate Autonome Mienskippen om dat wetlik fêst te lizzen of net en om oan minsken it rjocht te ferlienen om harren taal yn it iepenbiere libben te brûken. Wylst guon Autonome Mienskippen dat foech om wetten út te feardigjen, dat troch de grûnwet oanbean wurdt, útwurke hawwe, hawwe oaren dat net dien.

Dat ferskil is yn it gefal fan Spanje fan it grutste belang. Om it Hânfêst folslein tapasse te kinnen, stiet yn harren akte fan bekrêftiging: 'Spanje ferklearret mei it each op de neamde kêsten, dat de talen dy't yn autonomystatuten fan de Autonome Gebieten fan Baskelân, Kataloanië, de Balearen, Galisië, Valensia en Navarra as offisjele talen erkend wurde, as regionale of minderheidstaal beskôge wurde.' Op grûn fan it feit dat it Araneesk yn Kataloanië, it Katalaansk yn Kataloanië, op de Balearen en yn Valensia (as Valensiaansk), it Galisysk yn Galisië en it Baskysk yn Baskelân en yn in part fan Navarre yn harren autonomystatuten as offisjeel sjoen wurde, falle dy talen ûnder Diel II en Diel III fan it Hânfêst. Oare talen wurde allinne troch Diel II beskerme omdat se gjin offisjele status hawwe. Se wurde lykwols wol beskerme troch de autonomystatuten. Dat jildt foar it Aragoneesk en it Katalaansk yn Aragón, it Asturysk yn Asturië, it Galisysk yn Asturië en yn Kastilië en León en foar it Leoneesk yn Kastilië en León. Ta beslút, guon talen wurde allinne troch Diel II beskerme en net troch de autonomystatuten (bygelyks it Amazigh yn Melilla of it Valensiaansk yn Mursia). Fierder beskermet it Hânfêst it Caló (in taal dy't besibbe is oan it Romani) as de iennige net-territoriale taal.

4.3. Takomstige útdagings

Sûnt it yngean fan it Hânfêst is der wol wat foarútgong, mar der binne ek inkelde stappen tebek dien. Foarútgong is der op it mêd fan foegen, dy't guon regio's berikt hawwe, ek al binne der noch grutte ûnderlinge ferskillen. Yn it Fjirde Evaluaasjerapport fan it Komitee fan saakkundigen stiet: 'De talen dy't ûnder diel III beskerme binne, kinne yn it algemien op in soad stipe rekkenje fan de regionale en lokale autoriteiten. Hoewol't guon problemen noch hieltyd besteane, is oan de measte ferplichtings fan it Hânfêst foldien'.

Hoewol't der wichtige ferskillen besteane tusken de iene regio en de oare, is der, sûnt de ratifikaasje fan it Hânfêst troch de Spaanske autoriteiten yn 2001, foarútgong waar te nimmen op it mêd fan ûnderwiis, oerheid en bestjoer en iepenbiere tsjinstferliening, de media en kultuer, benammen oangeande de foegen dy't oan de Autonome Mienskippen takend wurde. Yn it ûnderwiis is de foarútgong frij grut, hoewol't yn de lêste jierren yn guon Autonome Gebieten problemen mei minderheidstalen konstatearre binne. Wat de media (kêst 11) oanbelanget, binne der positive stappen set yn it brûken fan minderheidstalen yn digitale media. By kulturele aktiviteiten binne amper problemen, de ôfspraken binne fierhinne neilibbe.

Wat de wichtichste útdagings oanbelanget, dy lizze benammen op it mêd fan Justysje (kêst 9) en ek by it brûken fan minderheidstalen by de oerheid (kêst 10). In weromkommend probleem is it tekoart oan meiwurkers op guon ôfdielings fan oerheid en yn de iepenbiere tsjinstferliening, dy't de oanbelangjende talen prate kinne, benammen yn de sûnenssoarch. Dat behinderet it brûken fan minderheidstalen yn dy domeinen.

Der is ek soarch oer it tanimmen fan it Spaansk yn it ûnderwiis (kêst 8) fan dy regio's mei minderheidstalen en ek oer de útwreiding fan trijetalige ûnderwiismodellen (Spaansk, Ingelsk en in minderheidstaal) yn guon Autonome Gebieten. Dat behinderet de kennis fan

minderheidstalen. It ynfieren fan dy ûnderwiismodellen soe dêrom foar de útfiering folslein analysearre wurde moatte om it goed ûnderwizen en oanlearen fan de trije talen te garandearjen. Oare problemen hawwe te krijen mei de oanwêzigens fan minderheidstalen yn de media.

In opsje dy't de beskerming fan de net-offisjele talen te'n goede komme soe, is om dy talen in offisjele status te ferlienen. Dat soe betsjutte dat yn dy gebieten de autonomystatuten oanpast wurde moatte, eat dat hieltyd wer troch de sprekkers fan dy talen frege is. Op de middellange termyn is de takomst fan dy talen tige wif.

Hoewol't der yn alle gefallen yn dit ferbân maatregels nommen wurde, is it needsaaklik om in wiidweidige offisjele database op te stellen oer de werklike situaasje fan de net-offisjele talen fan Spanje. Dêrom trunet it Fjirde Evaluaasjerapport der by de autoriteiten op oan om statistyske gegevens beskikber te stellen dy't beliedsmakkers by steat stelle om yn 'e mande mei de sprekkers fan dy talen in adekwaat taalbelied te ûntwikkeljen.

len mei oar kin sein wurde dat der in soad dien is om de regionale talen fan Spanje te stypjen, benammen troch de Autonome Mienskippen sels. As steat dy tige by de saak behelle is, soe Spanje derfoar soargje moatte dat it syn ferplichtings neikomt en dat de útdagings adekwaat oanpakt wurde.

5. Poalen

5.1. Eftergrûnynformaasje

Troch syn yngewikkelde skiednis, wêrby't yn de ôfrûne 200 jier de grinzen in pear kear ferskood binne, sels binnen de libbensrin fan ien persoan, hat de Poalske steat ûnderskate etnyske groepen, dy't yn Midden-Europa wenje, opnommen. Yn de kommunistyske tiid, dy't yn Poalen nei de Twadde Wrâldkriich begûn en 44 jier duorre (oant 1989), waard besocht om it multy-etnyske karakter fan de Poalske mienskip út te rûgjen of te ferjitten.

Nei't Poalen it kommunisme yn de jierren njoggentich fersmiten hie, wie der lang om let romte en middels om de ferskate etnyske, nasjonale en regionale groepen en harren talen en kultueren te erkennen. It is dan ek gjin ferrassing dat de Poalske wetjouwing mar leafst 14 minderheden erkent. Dy minderheden binne yn trije groepen ûnderferdielt:

1. 9 nasjonale minderheden: Armeensk, Wyt-Russysk, Tsjechysk, Dútsk, Joadsk, Litousk, Russysk, Slowaaksk, Oekraynsk;
2. 4 etnyske minderheden: Karaïm, Lemken (Roethenen), Lipka-Tataren, Roma;
3. 1 mienskip dy't in regionale taal brûkt: Kasjoeben.

Mei de Wet op de Minderheden fan 2005² krigen se allegearre beskate rjochten oangeande it brûken fan harren talen. Feitlik binne 15 minderheidstalen offisjeel erkend, dat wol sizzen ien taal foar elke erkende minderheid en foar de Joadske mienskip it Jiddysk en it Hebriuwsk.

Op it stuit is it wichtich om de klam te lizzen op it feit dat it Poalsk de iennige offisjele steatstaal is en dat der gjin autonome regio's binne dy't it offisjele gebrûk fan oare talen yn publike domeinen oerwage kinne soenen. Lykwols de frijheid fan nasjonale en etnyske minderheden om harren talen te praten en te befoarderjen waard yn 1997 al yn de Poalske Grûnwet takend. It foarnaamste ferskil dat de Wet op de minderheden yn 2005 oplevere wie dat dêryn stie hoe't dy frijheid yn de praktyk brocht wurde kinne soe, benammen op guon mêden fan it iepenbiere libben, lykas ûnderwiis, lokaal bestjoer, twatalige buorden op 'e dyk, media en it kulturele libben.

De wet út 2005 ferplichtet de Poalske steat om derfoar te soargjen dat dy rjochten yn de praktyk brocht wurde troch de betingsten dêrfoar oan te jaan. Sa kin in minderheidstaal bygelyks brûkt wurde yn de kontakten mei lokale oerheden op gemeentlik nivo, op betingst dat op syn minst 20% fan de befolking ferklearret dat se by dy spesifike minderheid hearre. It stelt ek regels en prosedueren fêst foar it tapassen fan twatalige plaknammen en efternammen. De wet ferplichtet de steat ek om it ûnderwiis yn minderheidstalen te stypjen en te befoarderjen, krekt as de publikaasje fan boeken en tydskriften, omroporganisaasjes yn de minderheidstaal en kulturele fasiliteiten en aktiviteiten.

It wetlik ramt liket geunstige betingsten te bieden foar de befoardering fan minderheidstalen yn Poalen. De situaasje fan elke minderheidsgroep en taal is lykwols folslein ferskillen en net sa posityf as troch de wet foarsteld wurdt. It feit dat alle minderheden likernôch 2% fan de hiele befolking fan Poalen³ foarmje, wiist al op harren 'numerike minderheidsposysje' foaroer de maatskippij yn it algemien. De measte minderheidstalen yn Poalen hawwe mear of minder lêst fan problemen mei harren etnolinguïstyske fitaliteit. Sa hat de Dútske minderheid problemen mei it trochjaan fan de taal fan de iene generaasje op de oare, hoewol't it de

² Folsleine namme: Wet op Nasjonale, Etnyske Minderheden en de Mienskip dy't in regionale taal brûkt.

³ By de folkstelling fan 2011, dy't identifikaasje mei twa nasjonale of etnyske groepen mooglik makke, ferklearre 2,26% fan de dielnimmers, by ien fan de karren, op syn minst ien oare idinteit as it Poalsk te hawwen.

grutste nasjonale minderheid is. Dat betsjut dat de measte bern it Dútsk thús net oanleare, mar dêr earst op skoalle mei begjinne. De twa grutste minderheidsmienskippen, de Oekraynse en de Wyt-Russyske, lykje de meast lykwichtige situaasje te hawwen, meidat dejingen dy't harren mei dy minderheden identifisearje de minderheidstaal ek brûk kinne. Dat jildt ek foar de Litouske, de Lemken en de Kasjoebyske groepen, hoewol't sy lytser yn tal binne. Troch it tanimmen fan de mobiliteit út de tradisjonele geografyske gebieten wei, benammen nei de gruttere stêden ta, nimt lykwols ek foar dy minderheden mooglik it gefaar ta dat de oerdracht fan talen tusken generaasjes stûket. Of de lytste minderheidsgroepen yn Poalen brûke harren net langer (it Tataarsk, it Karaïm), se hawwe in tige lyts tal sprekkers (it Tsjechysk, it Slowaaksk en it Jiddysk en Hebriuwsk) of dejingen dy't de minderheidstaal behearskje binne de nije ymmigranten yn stee fan de leden fan de tradisjonele minderheids (it Armeensk, it Russysk). De talen dy't troch de Roma mienskippen yn Poalen brûkt wurde, steane der, wat harren fitaliteit oanbelanget, it bêste foar. Mei it each op de net-territoriale aard fan harren talen is it lykwols dreech om it rjocht om harren taal by de lokale autoriteiten te brûken út te oefenjen (sa't dat ek it gefal is mei it Armeensk en it Jiddysk en Hebriuwsk).

It rjocht op it brûken fan minderheidstalen, sa't dat troch de Poalske wetjouwing bedoeld waard, soe yn teory helpe moatte om de negative tendins werom te draaien en de minderheidstalen te stimulearjen. Yn de praktyk hinget lykwols tefolle ôf fan it fermogen fan de oanbelangjende minderheidsmienskip om genôch druk út te oefenjen, benammen op it nivo fan lokale autoriteiten. Mei it each op it feit dat mar in hiel pear plakken binne dêr't minderheden de drompel fan 20% helje soene en allinne de Litouske minderheid in mearderheid fertsjintwurdiget yn in lyts gemeentlik gebiet, wurdt dúdliker wêrom't de útoefening fan de yn it wetlik ramt ferankere rjochten praktyske problemen tsjinkomt.

In oar obstakel dat de befoarderding fan minderheidstalen yn Poalen liket te behinderjen is it lytse bewustwêzen oer minderheden binnen de Poalske maatskippij. Op lokaal administratyf nivo uteret dat him bytiden yn in gebrek oan kennis oer de rjochten fan de sprekkers fan in minderheidstaal en de ferplichtings dy't oan de autoriteiten oplein wurde. Op it nivo fan de trochsneed Poalske boarger betsjut dat in tige lyts bewustwêzen oer de multyetnyske aard fan de Poalske mienskip of it resultearret yn stereotipe – en yn it slimste gefal – sels fijannige hâlding foaroer minderheden.

5.2. Poalen en it Hânfêst

Poalen hat it Europeeske Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen yn 2003 ûndertekene en yn juny 2009 fan krêft wurden. Yn har offisjele ferklearring joech Poalen doe oan fan doel te wêzen om it Hânfêst ta te passen, neffens de rjochten sa't dy yn de Wet op de Minderheden út 2005 fêstlein binne. Oan de iene kant betsjutte dat dat ferklearre waard dat alle 15 erkende regionale- of minderheidstalen dêrmei yn it Hânfêst⁴ opnommen waarden. Oan de oare kant resultearre it nimmen fan de ynhâld fan de Wet as paadwizer yn it opnimmen fan alle talen yn ien pakket fan ferplichtings fan Diel III, yn stee fan te besykjen de seleksje oan de spesifike situaasje fan alle talen apart oan te passen. De neikommende paragrafen ferwize nei de wichtichste ûnderdielen fan it stimulearjen fan minderheidstalen sa't dy yn it Hânfêst opnommen binne.

Poalen hat besletten om yn it ûnderwiis foar de meast ambisjeuze kar te gean. De steat ferplichtet himsels om te soargjen foar ûnderwiis yn alle regionale of minderheidstalen dy't yn Poalen ûnder it Hânfêst falle. Dat wol sizze dat alle bern achte wurde om hast alle skoalfakken yn harren regionale of minderheidstaal te learen, op alle nivo's fan ûnderwiis dêr't de learplicht foar jildt. Op it stuit wurdt der mar yn twa minderheidstalen lesjûn, mei oare wurden bern kin de lessen yn it Litousk en Oekraynsk krije. De paradoksale situaasje fan it Oekraynsk is dat it de ûnderwiistaal yn gebieten dy't by âlds net Oekraynsk binne. It giet om

⁴ Úteinlik falle 14 talen ûnder it Hânfêst omdat troch it Komitee fan saakkundigen fêststeld is dat it Hebriuwsk net oan it foarskrift foldie fan it gebrûk as tradisjoneel kommunikaasjemiddel.

plakken yn it westen fan Poalen dêr't nei de Twadde Wrâldoarloch grutte dielen fan de Oekraynske befolking twongen hinne ferhúzje moasten. De Dútske minderheid hat ek striden om yn harren tradisjonele grûngebieten twatalich ûnderwiis op te setten, mar oant no ta sûnder resultaat. Út juridysk eachpunt is it teoretysk mooglik om yn Poalen foar ûnderwiis yn alle minderheidstalen te soargjen, en it finansieringssysteem is frij royaal⁵. Lykwols, oant no ta omfiemet it ûnderwiis fan regionale en minderheidstalen ûnderwerpen oangeande it Wyt-Russysk, Dútsk, Kasjoebysk, Lemko en Oekraynsk yn harren tradisjonele gebieten. De measte minderheidstalen kinne op universitêr nivo studearre wurde, guon as bachelor- of masteropleiding (bygl. Dútsk, Oekraynsk, Litousk, Russysk). Yn dy opleiding sit net per definysje in ûnderwizersopleiding dy't it mooglik makket dat de studinten kwalifisearre ûnderwizers fan of yn in minderheidstaal wurde.

Op bestjoerlik mêd hat Poalen him ferplichte om mûnlinge en skreaune oanfragen yn de regionale of minderheidstalen op lokaal bestjoersnivo te akseptearjen. Op it stuit kinne sprekkers fan it Dútsk, Kasjoebysk, Litousk en Wyt-Russysk mûnling likegoed as skriftlike kontakt opnimme mei gemeentlike autoriteiten (en antwurd krije). Der binne ek twatalige plaknammen yn gemeenten foar Dútske, Kasjoebyske, Litouske, Wyt-Russyske en Lemko minderheden.

Lykas yn de Wet op de minderheden fêstlein is, hat de Poalske steat him ferplichte om media yn de minderheidstalen te stypjen. De measte minderheidsmienskippen hawwe op syn minst ien tydskrift dat troch de steat subsidiearre wurdt. Mar ien dêrfan, it Oekraynske wykblêd, foldocht oan de betingsten fan in krante, dy't yn it Hânfêst steane. Guon tv- en radioprogramma's rjochtsje harren op spesifike minderheden, mar dy binne ylleaal en der is kritic op 'e ynhâld.

Der is in grut ferskaat oan kulturele aktiviteiten en fasiliteiten foar alle minderheidstalen dy't troch de oerheid subsidiearre wurde. It iennige probleem is it feit dat de finansiering op projektbasis is. Dat makket it dreech om kulturele ynstellings foar minderheden yn stân te hâlden.

Mei de ratifikaasje fan it Hânfêst en de ynhâld fan de Wet op de Minderheden yn 'e efterholle is it dúdlik dat minderheidstalen juridysk sjoen as in weardefol ûnderdiel fan it Poalske kulturele erfgoed behannele wurde. Yn reguliere oerlizzen fan in Mienskiplike Kommisje fan oerheid en fertsjintwurdigers fan de minderheidsmienskippen wurdt rekken hâlden mei de stim fan sprekkers fan minderheidstalen. Dochs krije minderheidskwestjes net folle omtinken yn de reguliere media dy't op de hiele Poalske mienskip rjochte is.

5.3. Takomstige útdagings

Út it eachpunt fan it neikommen fan de ferplichtings fan it Hânfêst steane hjirûnder de meast driuwende kwestjes dy't oplost wurde moatte:

- It bieden fan ûnderwiis yn dy minderheidstalen wêrfan't de sprekkers dat winskje;
- It ûnderwizen fan minderheidstalen as fak útwreidzje om de kontinuïteit van alle nivo's fan it ferplichte ûnderwiis te garandearjen foar alle talen yn Poalen dy't ûnder it Hânfêst falle;
- Soargje foar kranten en oare mediakanalen (bygelyks online media);
- Soargje foar reguliere finansiering foar kulturele aktiviteiten;
- It tal gemeenten útwreidzje dêr't twatalige plaknammen pleatst wurde kinne en dêr't mei de lokale autoriteiten yn de minderheidstaal kontakt lein wurde kinne.

⁵ It is mooglik om oan hiele lytse skoallen, dêr't ûnderwiis yn minderheidstalen jûn wurdt, oant 150% fan it standert opleidingsbudzjet de learling oan subsydzje beskikber te stellen.

Foar de regionale minderheidstalen yn Poalen dy't relatyf as 'sterk' sjoen wurde, lykas it Dútsk, it Oekraynsk, it Wyt-Russysk, it Litousk, it Kasjoebysk, it Lemko en de Roma talen, kin de seleksje fan tasizzings, dy't Poalen yn it Hânfêst dien hat, tsjinje foar wat de rjochting fan de promoasje-aktiviteiten oanbelanget, en foar it fêststellen fan de strategy foar de middellange termyn. Foar de talen mei in swakke posysje, benammen it Armeensk, Tsjechysk, it Slowaaksk, it Karaymsk, it Tataarsk en it Jiddysk, wurdt it spitigernôch dreech om in soad fan de keazen ferplichtings nei te kommen. Dêrom is oerlis mei de fertsjintwurdigers fan de sprekkers essinsjeel om linige oplossings te finen dy't it bêste by de situaasje fan elk fan dy talen passe.

Út de analyze fan it wetlik ramt foar de promoasje fan minderheidstalen yn Poalen komt in tige posityf byld nei foaren. It tsjinnet as essinsjele basis foar it erkennen fan in ryk, multy-etnysk erfgoed yn de Poalske mienskip, ek foar de trochsneed boarger. Foar de gewoane Poalske mienskip is dat lykwols noch hieltyd in grutte útdaging, mar as it mooglik is om de bewustwurding oer de wearde fan minderheidskultueren en -talen yn de Poalske maatskippij as gehiel te befoarderjen, dan wurdt it ek makliker om de kleau tusken rjochten en de konkrete útfiering dêrfan te oerbrêgjen.

DIEL C. ÛNDERWIISAKTIVITEITEN

As praktyske oanfolling op wat hjirfoar útlein is, befettet dit diel in samling fan aktiviteiten dy't yn de klasse útfierd wurde kinne. It is in rige aktiviteiten dy't út fleksibel eachpunt wei gearstald is, mei in wikseljende tiidsbesteging, ôfhinklik fan wat de learaar geskikt achtet. Guon aktiviteiten kinne op ien skoaldei útfierd wurde, foar oare aktiviteiten wurdt mear kontinuïteit advisearre. Rekken hâldend mei de ferskillen yn it ûnderwiis binnen Europa wurdt advisearre dat alle skoallen/regio's de aktiviteiten op de ferskate nivo's op in linige wize oanpasse. Sy binne foar bern tusken de 11 en 16 jier ûntwurpen.

De neikommende aktiviteiten wurde útsteld:

- Aktiviteit 1: Wat is in minderheidstaal?
- Aktiviteit 2: Taalkundige foaroadielen
- Aktiviteit 3: Biografy fan in ferneamde sprekker fan in minderheidstaal
- Aktiviteit 4: De dei(dagen) of wike fan de minderheidstaal
- Aktiviteit 5: Toponymy, taalkundich lânskip en beweiwizing yn in minderheidstaal
- Aktiviteit 6: Edit-a-thon yn in minderheidstaal
- Aktiviteit 7: Nije sprekkers fan in minderheidstaal
- Aktiviteit 8: Ferskaat oan skriuwsystemen fan minderheidstalen
- Aktiviteit 9: Net-territoriale talen
- Aktiviteit 10: Gebeartetaal

AKTIVITEIT 1: WAT IS IN MINDERHEIDSTAAL?

<p>Yntroduksje</p>	<p>Neist de offisjele talen, dy't in juridyske status, beskerming en maatskiplike legitimiteit hawwe, wurde yn alle Europeeske lannen by âlds in soad oare talen praat. Dy talen wurde minderheidstalen neamd en misse faak de juridyske beskerming of de sosjale legitimiteit fan de mearderheidstalen of offisjele talen fan it lân. Yn de measte gefallen wurde minderheidstalen troch in beheind tal sprekkers brûkt. Likernôch 50% fan dy talen hat sels minder as 10.000 sprekkers. Hoewol't minderheidstalen hûnderten jierren âld binne en al iuwen oanwêzich binne, betsjutte de feroarings dy't Europa yn de lêste desennia ûndergien hat, dat hast alle minderheidstalen kwetsbere talen wurden binne, eat dat harren takomst op de koarte of middellange termyn ernstich yn gefaar bringt. Fan de talen mei minder as 10.000 sprekkers, dy't yn de 'Atlas fan wrâldtalen dy't driigje te ferdwinen' fan de Unesco (www.unesco.org/languages-atlas) opnommen binne, bestiet foar in grutte mearderheid it gefaar dat se ferdwine sille. Yn in soad gefallen soe strukturearre taalbelied dy trend feroarje kinne.</p> <p>Hoe werkenst in minderheidstaal</p> <p>Hoewol't de measte minderheidstalen mar in bytsje sprekkers hawwe, is it kwantitative kritearium net it iennige dêr't wy by in minderheidstaal rekken mei hâlde moatte. Winliken binne der minderheidstalen mei miljoenen sprekkers, soms sels mear as guon mearderheidstalen. Dêrom is it nedich om neist de kwantitative kritearia ek mei de wetlike status rekken te hâlden, oftewol de ymplisite of eksplisite erkenning fan in taal as offisjele taal yn in beskaat lân. Foardat in taal as in regionale of minderheidstaal beskôge wurde kin, moat neffens Ried fan Europa⁶ oan de neikommende betingsten foldien wurde:</p> <ol style="list-style-type: none"> i. It moat in taal wêze dy't by âlds binnen in beskaat gebiet of lân praat wurdt troch boargers fan dat lân dy't in groep foarmje dy't yn tal lytser is as de rest fan de bewenners fan it lân; ii. De taal ferskilt fan de offisjele taal/talen fan dat lân; iii. Offisjele dialekten fan de offisjele taal fan it lân of de talen fan ymmigranten falle dêr net ûnder. <p>Betink wol dat der ferwiisd wurdt nei de befolking fan it hiele lân en net nei de befolking fan it spesifike gebiet dêr't de taal praat wurdt.</p> <p>Om dy nuânse te begripen, it neikommende foarbyld: it Galisysk is in offisjele taal yn Galisië (in regio yn Spanje), mei it Spaansk. Yn dat gebiet hat it mear sprekkers as it Spaansk, dat de iennige offisjele taal is yn de Spaanske steat. Yn dat gebiet hat it mear sprekkers as it Spaansk, dat de iennige offisjele taal yn de Spaanske steat is. Yn ferbân mei de ferskillen yn wetlike status binnen it lân, is Galisysk in minderheidstaal yn Galisië en ferkeart yn in kwetsbere situaasje, wylst dat mei it Spaansk net it gefal is.</p>
--------------------	---

⁶ Sjoch kêst 1 fan it Europeeske Hânfêst foar regionale- of minderheidstalen.

Taak	Yntrodusearje it konsept fan minderheidstalen by de hiele befolking
Doelen	Learlingen: <ul style="list-style-type: none"> • Steane posityf foar oer minderheden yn it algemien en minderheidstalen yn it bysûnder • Stelle alle regionale- of minderheidstalen fan it lân fêst • Sykje nei foarbylden fan mûnlige en skreaune foarmen fan minderheidstalen.
Nivo/âldens	Ôfhinklik fan it nivo fan de kompleksiteit en abstraksje fan de taak: 12-16 jier.
Stappen	<ul style="list-style-type: none"> • Mei help fan statistyske gegevens út tellings of oare offisjele steats- en regionale gegevens presintearret de dosint in koarte beskriuwing fan alle regionale of minderheidstalen dy't yn it lân brûkt wurde neffens it Hânfêst. It wurdt oanrekommandearre om gebrûk te meitsjen fan de rapporten fan it Komitee fan saakkundigen fan it Europeeske Hânfêst foar regionale en minderheidstalen (allegearre beskikber op: www.coe.int/en/web/european-charter-regional-or-minority-languages/reports-and-recommendations) • Neipetear en diskusje (klassikaal)
Tiidbeslach	2 oant 4 lessen
Oanbelangjende dissiplinen	Earste en frjemde talen, skiednis, sosjale wittenskip
Wurkwize	Klassikaal, yn twatallen
Materiaal	Poster (in grut, stevich stik papier), digitale presintaasje
Ynformaasjeboarnen	Biblioteek, persoanlike kontakten, ynterviews, it ynternet
Evaluaasje	Presintaasje fan poster; beoardieling troch learaar en selsevaluaasje
Oare mooglike aktiviteiten	<ul style="list-style-type: none"> • Hingje de poster op yn de gong op skoalle • Publisearje de poster yn de skoalkrante

AKTIVITEIT 2: TAALKUNDIGE FOAROARDIELEN

Yntroduksje	Taalferskaat hat ûnderwerp fan in soad diskusjes west, somtiden basearre op foaroadielen en myten en it ûnderwiis is dêrby nedich om dy te oerwinnen. Taalkundige foaroadielen binne beoardielings en opfettings oer talen dy't net op echt bewiis basearre binne, mar op in ferienfâldige en feralgemienisearre stereotyp. It binne meastal klisjees dy't fuortkomme út ûnkunde en eangst foar it oars-wêzen. Dêrom is it dreech se út te bannen omdat de arguminten dy't se de-aktivearje moatte net akseptearre wurde. Hieltyd wer oefenje se in soad ynfloed út op it omtinken en it maatskiplik oansjen fan de sprekkers. Dêrom is elke klassifikaasje fan talen, basearre op in hierargyske oardering fan topkwaliteit/ brûkberens nei 'stelt neat foar', sa't dat faak it gefal is, allinne op foaroadielen basearre en hat dy gjin wittenskiplike basis. Neffens kêt 7.2 fan it Hânfêst is it needsaaklik om elk ûnrjochtfeardich ûnderskied en alle útslutings, beheinings of foarkar oangeande it brûken fan in regionale of minderheidstaal te bestriden.
Taak	Efterhelje taalkundige foaroadielen en leverje arguminten oan om se te bestriden en út te skeakeljen.
Doelen	Learlingen: <ul style="list-style-type: none"> • Ferheegje harren taalbewustwêzen • Binne by steat om taalfoaroadielen te identifisearjen. • Krije sterke arguminten te'n geunste fan de lykweardigens fan talen.
Nivo/âldens	Heger middelber ûnderwiis, 14-16 jier
Stappen	<ul style="list-style-type: none"> • Presintaasje fan it ûnderwerp • Inkelde foaroadielen fêststelle (oer talen of de maatskippij yn it algemien). • In list opstelle mei fiif foaroadielen oer talen en dy foarlizze yn in diskusje tusken de studinten, dy't yn twa groepen ferdielt binne. Ien groep is foar, de oare tsjin. Dêrnei wikselje se fan rol. • Alle studinten brûke dyselde list en ûndersykje yn harren famylje oft se it der mei iens binne of net en wêrom. • Fêststelle hokker diskriminearjende hâldings der binne oangeande taalminderheden en stel maatregels foar om it omtinken foar harren talen en, noch wichtiger, harren sprekkers te ferbetterjen.
Tiidbeslach	2 oant 4 lessen
Oanbelangjende dissiplinen	Earste en frjemde talen, skiednis, ierdrykskunde, sosjale wittenskippen, ynterdissiplinêr projekt
Wurkwize	Klassikaal, yn twatallen, mei de famylje, yndividueel.
Materiaal	Poster (in grut, stevich stik papier), digitale presintaasje
Ynformaasjeboarnen	Biblioteek, media, ynterviews, it ynternet
Evaluaasje	Presintaasje fan poster; beoardieling troch learaar en selsevaluaasje
Oare mooglike aktiviteiten	<ul style="list-style-type: none"> • Hingje de poster op yn de gong op skoalle • Publisearje de poster yn de skoalkrante

Inkelde foarbylden

Foaroardiel	Tsjinargumint
lentaligens is de noarm en taalferskaat is de útsûndering, yn termen fan grûngebiet likegoed as fan minsken.	lentaligens is de útsûndering. Oer de hiele wrâld sjoen is in ientalige steat útsûnderlik. Wannear't wy oan yndividuele persoanen tinke, prate fierwei de measten mear as ien taal.
Der binne minsken dy't mei in aksint prate.	Wy hawwe allegearre in 'aksint' wannear't wy prate. It is ûnmooglik om sûnder aksint te praten.
De dôvemienskip brûkt oer de hiele wrâld in mienskiplike universele gebeartetaal.	Gebeartetaal hat krekt safolle farianten as de sprutsen taal. Brûkers fan gebeartetaal moatte in oare gebeartetaal leare as se mei minsken kommunisearje wolle dy't net deselde taal brûke.
Guon talen binne by steat om alle nivo's fan kompleksiteit út te drukken, mar foar de measte talen is dat net mooglik. Minderheidstalen binne wol weardefol foar ynformeel en familiêr gebrûk, mar net sa praktysk foar de wittenskip, de ekonomy en nije technologyen.	Alle talen binne like goed brûkber om alle kennisgebieten te beskriuwen en deroer te kommunisearjen. Der binne gjin goede of minne talen foar wittenskip of dichtkeunst. It gebrek oan oanbod fan nije technologyen of fideospultsjes yn in beskate taal is in gefolch fan it swakke sosjale prestiizje fan dy taal en net fan it potinsjeel fan dy taal foar dat doel.
In grut tal sprekkers fan in taal garandearret it fuortbestean op de lange termyn.	Fan alle talen besteane fariëteiten. Wat grutter de fariëteit, wat grutter de kâns op fersnipeljen, sa't dat bygelyks yn it ferline mei it Latyn bard is.
Wurden dy't net yn in wurdboek steane, binne net korrek of besteane net.	De leksikale rykdom fan talen is bûtengewoan en de wurdboeken, sels de meast folsleine, sammelje dêr mar in part fan. Wurden besteane troch hoefolle't se brûkt wurde en net omdat se wol of net yn in wurdboek steane.
De standert fariant fan in taal is better as oare farianten fan in taal.	De standert fariant fan in taal is ien út in grut ferskaat. Eins hat it grutste part fan alle talen fan 'e wrâld gjin standert fariant. It feit dat de standert fariant yn it ûnderwiis en de media brûkt wurde, wol net sizze dat dy fariant better is of perfekter.

AKTIVITEIT 3: BIOGRAFY FAN IN FERNEAMDE MINDERHEIDSTAALPRATER

Yntroduksje	De erkenning fan yntellektuele en kreative produkten en it sosjale respekt en bewûndering, dy't se oerdrage, wurdt troch media en sosjale netwurken oernommen. Yn in soad gefallen wurde de identiteit en it feit dat de skriuwers en ûntwerpen by in minderheidskultuer hearre en in minderheidstaal prate, troch de mearderheids- of steatskultuer ferswijd. Somtiden is it doel dêrfan om de ynfloed en erkenning fan de minderheidsgroep ûnderstek te dwaan. Skiednisboeken neame dy persoanen faak net of se neame net dat it fertsjintwurdigers fan in minderheidsgroep binne. Sa litte se in byld fan nasjonale ienheid sjen en litte se de minderheidsgroep yn de reguliere mienskip opgean. De sichtberens fan it wurk fan minderheidspraters ferbetteret de erkenning fan minderheids- en regionale talen en befêstiget tagelyk ferskaat, kreativiteit en orizjinaliteit fan de mienskip as gehiel.
Taak	Meitsje in poster mei de biografy fan in ferneamde minderheidstaalprater mei persoansgegevens, foto's, publikaasjes, gefolgen/resultaten/foarbylden fan syn/har wurk, ûntfangst troch it publyk (útstallings, krante-artikels), ensfh. Dy persoan kin op alle mêden wurke hawwe, lykas media, sport, literatuer, kultuer, keunst, skilderkeunst, fotografy, film, polityk, ekonomy, maatskiplik flak, filosofy, ûndersyk, útfinings, ensfh.
Doelen	<p>Learlingen:</p> <ul style="list-style-type: none"> • Binne harren bewust fan it bestean fan minderheidstalen en -kultueren; • Realisearje harren dat minderheidstalepraters oan naasjefoarming bydrage; • Erkenne it feit dat linguistysk en kultureel ferskaat in yntegraal ûnderdiel fan de maatskippij is; • Realisearje harren dat skiednis en sosjale dissipline in ynterpretaasje fan de werklikheid binne en ûnderwerp fan diskusje en ûnderhanneling binne; • Beskôgje it wurkjen, wenjen en kreëarjen yn ûnderskate talen as in normaal ferskynsel; • Lêze yn in minderheidstaal en brûke strategyen foar begryp fan wjerskanten (neffens ynterlinguale ôfstân fan mearderheids-/minderheidstalen); • Brûke translinguale techniken en bemiddeling; • Binne by steat om skreaune en grafyske ynformaasje te finen, te kiezen, te prioritearjen en te presintearjen; • Binne by steat om in posterpresintaasje te hâlden.
Nivo/âldens	Ôfhinklik fan de omfang fan de kompleksiteit en abstraksje fan de taak, groep 5 oant en mei groep 9, 10-15 jier.
Stappen	<ul style="list-style-type: none"> • Presintaasje fan it ûnderwerp, diskusje (klassikaal); • Breinstoarmje, in list meitsje fan potinsje kandidaten (yndividueel); • In persoan fan de list kieze (yn twatallen) • Ynformaasje sammelje en karren meitsje, de poster meitsje (yn twatallen); • De poster presintearje (yn twatallen) • Neipetear en diskusje.
Tiidsbeslach	2 oant 4 lessen

Oanbelangjende dissiplinen	Earste en frjemde talen, skiednis, ierdrykskunde, sosjale wittenskippen, ynterdissiplinêr projekt
Wurkwize	Klassikaal, yn twatallen, yndividueel
Materiaal	Poster (grut stevich stik papier), kompjûters, printer, kranten, pinnen, lym ensfh.
Ynformaasjeboarnen	Biblioteek, persoanlike kontakten, ynterviews, it ynternet
Evaluaasje	Posterpresintaasje, beoardieling troch dosint, beoardieling troch learlingen ûnderling en selsevaluaasje
Oare mooglike aktiviteiten	<ul style="list-style-type: none"> • Hingje de poster op yn de gong op skoalle • Publisearje de poster yn de skoalkrante • Stjoer in kopy nei de ferienings foar minderheidstalen, kranten en websiden • Ferlykje de poster mei in partnerklasse yn in oare regio of yn in oar lân.

AKTIVITEIT 4: DE DAG(EN) OF WIKE FAN DE MINDERHEIDSTALEN

Yntroduksje	<p>Dit projekt kombinearret in multydisziplinêr en meartalich perspektyf mei talen út it hiele lespakket likegoed as aktiviteiten oer en yn de minderheidstaal yn de foarm fan in skoalprojekt, omdat alle leararen, learlingen en skoaltsjinsten lykas de biblioteek, it kafetaria, de keunsthoeke dêrby behelle binne.</p> <p>Ôfhinklik fan de kompetinsjes en ynteresses fan de leararen kinne de ûnderskate dissiplinen alhiel of foar in part les krije yn in minderheidstaal of kinne autentike materialen reseptyf brûkt wurde. Wurk kin útfierd wurde yn de skoaltaal, of skiednis, ierdrykskunde of de sosjale, wittenskiplike ynhâld fan de minderheidstaal of minderheidstaalsprekkers kinne yn de ûnderskate dissiplinen behannele wurde. In oanboazjende beweging is ek mei in langer projekt yn of oer de minderheidstaal yn de kommende jierren mooglik.</p>
Taak	Leararen en learlingen folgje it gewoane roaster foar in dei, twa dagen of in wike, mei langere of koartere perioaden dy't yn de minderheidstaal jûn wurde of dêroer geane.
Doelen	<p>Learlingen:</p> <ul style="list-style-type: none"> • Úntdekke de rykdom, it ferskaat fan meardere dokuminten yn in minderheidstaal en de kultuer en de omkriten fan praters fan in minderheidstaal; • Passe translinguale strategyen ta en strategyen foar begryp oan wjerskanten, yn kombinaasje mei ynhâld; • Binne harren derfan bewust dat it learen yn ûnderskate talen normaal is; • Realisearje harren dat leararen net perfekt binne en dat sy ek yn in learproses sitte; • Akseptearje dat learlingen fan in minderheidstaal yn de klasse as eksperts funksjonearje.
Nivo/âldens	Kin op alle skoalnivo's tapast wurde, mar skoallen op leger middelber nivo (12-16) binne bysûnder geskikt.
Stappen	<ul style="list-style-type: none"> • De leararen kieze in minderheidstaal, dat datum en de lingte fan it projekt (in dei, twa dagen, in wike); • It skoalbestjoer wurdt ynformearre; • Alle leararen wurde ynformearre; • De âlden wurde ynformearre; • It projekt wurdt útfierd; • Neipetear; • Evaluaasje; • Oanpassings foar it kommende jier.
Tiidbeslach	1 of 2 dagen, of in wike
Oanbelangjende dissiplinen	Alle dissiplinen
Wurkwize	Klassikaal, yn twatallen, yndividueel, krekt as gewoane skoalaktiviteiten.
Materiaal	ûnderskate dokuminten, teksten, ferskes yn in minderheidstaal.
Ynformaasjeboarnen	Biblioteek, persoanlike kontakten, it ynternet
Evaluaasje	Evaluaasje fan it projekt mei fragelisten en ynterviews.
Oare aktiviteiten	By wize fan proef kin earst in dei keazen wurde. Dêrnei kin it nei twa dagen en in wike útwreide wurde. It projekt kin op fêste tiden alle jierren yn deselde perioade werhelle wurde, wêrby't

	de learaar it lesmateriaal yn de minderheidstaal stadichoan útwreidzje kin.
--	---

AKTIVITEIT 5: TOPONYMY, TAALKUNDICH LÂNSKIP EN BEWEIWIZERING YN IN MINDERHEIDSTAAL

Yntroduksje	Teksten en nammen op it mêd fan toponymy en beweiwizing biede in goede mooglikheid om de offisjele en yndividuele erkenning fan minderheidstalen en -groepen te mjitten. Sy binne it bewiis fan histoaryske en sosjale feiten oangeande it mei-inoar libjen fan mearderheids- en minderheidsgroepen en binne sterk ferbûn mei identiteitsfraachstikken. Sy steane bleat oan ernstige maatskiplike konflikten. It mear te witten te kommen oer it ûnderwerp sil de gevoeligens foar de arguminten fan de minderheidstalen om fertsjintwurdige te wêzen yn de iepenbiere en firtuele omjouwing ferbetterje.
Taak	Lit foarbylden sjen fan twatalige en meartalige toponymy, it taalkundich lânskip en de beweiwizing yn minderheidstalen binnen in histoaryske, politike en sosjale kontekst, op kaarten, buorden, muorren, ensfh. Ôfhinklik fan de lokalisaasje fan de minderheidsgroep (ientalige of twatalige regio of yn in efterútrâld) kin de taak oanpast wurde (statistiken mei foto's dy't op it wurk makke binne mei kaarten en it ynternet).
Doelen	<p>Learlingen:</p> <ul style="list-style-type: none"> • Kenne de ûnderskate termen dy't ferbân hâlde mei it taalkundich lânskip (ientaligens, twataligens, meartaligens). • Kinne de ûnderskate typen foarbylden fan beweiwizing groepearje, bygelyks publike (autoriteiten en bestjoer, iepenbiere logo's, plaknammen, strjitnammen, ynstellings); semypublike (etalaazjes, advertinsjes, hússtyl fan bedriuwen, ynternetadressen en websiden); privee (telefoanboeken, partikuliere logo's, menukaarten); oer grinzen hinne (tags, graffiti, stickers) • Binne harren bewust fan de ûnderskate funksjes fan taal (ynformearje, presintearje, regulearje, ferdivedaasje, manipulearje); • Kenne it ferskil tusken makrotoponymy en mikrotoponymy • Kinne twatalige en trijetalige toponymy ferlykje (semantyske of fonetyske kongruïnsje) • Kinne advertinsjes ynterpretearje op basis fan semiotyk (wurdboarterijen, koadewiksel, it brûken fan taal dy't net oan de noarmen fan standerttaal beäntwurdet); • Kinne it probleem oangeande (meartalige) beweiwizing oan in histoaryske, kulturele en sosjale kontekst keppelje; • Kinne beweiwizing oan politike kwestjes keppelje (wetjouwing, drompelwearden mei it each op it tal praters/brûkers, de status fan de taal en legitimearring) • Kinne gebrûk meitsje fan ienfâldige metoaden fan kwantitatyf en kwalitatyf ûndersyk.
Nivo/âldens	Ôfhinklik fan de kompleksiteit en it abstraksjenivo en de lokalisearring fan minderheidsgroepen foar bern yn 'e âldens fan 12 oant 14 jier of fan 15 oant 18 jier.
Stappen	<ul style="list-style-type: none"> • Presintaasje fan it ûnderwerp en it fraachstik, foarbylden (PowerPoint, learaar); • In breinstoarmsesje oer wêrom't it minskdom oanstriid hat om it miljeu tichteby en fierôf te beneamen en te oarderjen (yn klassen);

	<ul style="list-style-type: none"> • In mind map meitsje fan de manieren wêrop't tal yn iepenbiere romten presintearre wurdt (yn twatallen wurkje); • In ferslach skriuwe oer it keazen ûnderwerp (advertinsjes, strjitnammen, plaknammen, ensfh.) oan de hân fan in geskikte metoade (statistiken, mûnlinge skiednis, casestúdzje) (yndividueel); • It ferslach oan de klasse presintearje (PowerPoint, klasse) • Diskusje
Tiidbeslach	4 oant 8 lessen
Oanbelangjende dissiplinen	Earste en frjemde talen, ierdrykskunde. Sosjale wittenskippen, ynterdissiplinêr projekt
Wurkwize	Klassikaal, yn twatallen, yndividueel
Materiaal	Kaarten, ynternet, kamera, mobile telefoan, kompjûters, printer en beamer
Ynformaasjeboarnen	Biblioteek, persoanlike kontakten, ynterviews, it ynternet
Evaluaasje	Evaluaasje fan it ferslach en de presintaasje.
Oare aktiviteiten	Ferskowing fan printteksten nei de klankwrâld.

AKTIVITEIT 6: EDIT-A-THON YN IN MINDERHEIDSTAAL

Yntroduksje	In <i>edit-a-thon</i> , ek wol skriuwgearkomste, organisearre as in skoalle-aktiviteit, is in gearkomste wêryn't in spesifyk ûnderwerp keazen wurdt en studinten leare hoe't se dêroer in stik skriuwe kinne en bewurkje fia it medium fan in minderheidstaal. In ekspert (meastentiids de learaar) moat derfoar soargje dat it materiaal fan hege kwaliteit is en moat de studinten dêrby stypje, om't it materiaal op Wikipedia set wurde sil.
Taak	It produsearjen fan heechwaardige ynhâld yn in minderheidstaal en set dat op Wikipedia.
Doelen	Learlingen: <ul style="list-style-type: none"> • Oefenje it skriuwen fan kwalitatyf goede ynhâldlike teksten yn in minderheidstaal; • Keppelje it brûken fan nije technology (Wikipedia) oan regionale en minderheidstalen; • Wurde aktive dielnimmers yn de promoasje fan regionale en minderheidstalen; • Wurkje hieltyd wer gear mei jongerein fan deselde âlden en binne mei-inoar yn diskusje; • Wurde sa gewaar wat de brûkberens is/mooglikheden binne by it brûken fan in regionale of minderheidstaal.
Nivo/âldens	Heger middelber ûnderwiis
Stappen	<ul style="list-style-type: none"> • Kies in ûnderwerp dat foar de mienskip, dy't in minderheidstaal praat, ynteressant wêze kin; • Jou in koarte útlis oer hoe't ynformaasje op Wikipedia set wurde kin; • De spesifike ynformaasje dy't ynladen wurde moat, wurdt selektearre en bewurke; • De rollen wurde ferdield (skriuwer, editor, Wikipedia ekspert, ensfh.); • De learlingen stimme ôf (wa set wat op ynternet) • It einkonsept fisualisearje op Wikipedia
Tiidbeslach	3-5 lessen
Oanbelangjende kennisgebieten	Nije technologyen, diskusjearje mei oare learlingen, groepsproblemen oplosse, ynterdissiplinêr projekt.
Wurkwize	Yn groepen/teams
Materiaal	Materiaal oer it keazen ûnderwerp, laptops, ynternetferbining
Ynformaasjeboarnen	Materiaal dat sammele is om ynformaasje oer it spesifike ûnderwerp te sammeljen
Evaluaasje	De bêste ynformaasje wurdt online set (op it mêd fan de kwaliteit fan de taal, de ynhâld en redaksje)
Oare aktiviteiten	Gjin

AKTIVITEIT 7: NIJE PRATERS FAN MINDERHEIDSTALEN

Yntroduksje	<p>Wat is in nije prater?</p> <p>Yn demografyske termen rint it brûken fan de measte regionale of minderheidstalen yn Europa werom, dus yn in soad gefallen wurdt it yn stân hâlden dêrfan net altyd troch de oerdracht tusken generaasjes garandearre. Dêrom is it, as oanfolling op de oerdracht yn 'e famylje, essinsjeel om nije pratere te yntegrearjen. Dat binne minsken dy't de minderheidstaal bûten famyljerelaasjes om leard hawwe en dy't de taal aktyf brûke, somtiden as wichtichste taal. Yn in soad gefallen is de takomst fan minderheidstalen, sûnder nije pratere, ernstich yn gefaar. Ien fan de doelstellings yn it Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden is om nije pratere de gelegenheid te bieden om de minderheidstaal te learen en it Hânfêst biedt dêrfoar fasiliteiten (kêst 7.1g). Dizze aktiviteit hâldt ferbân mei de needsaak om it tal nije pratere fan regionale of minderheidstalen te fergrutsjen mei as fûnemintueel doel harren takomst te garandearjen.</p> <p>Hoe werkenst nije prater?</p> <p>Hoewol't elk dy't as folwoeksene in nije taal leard hat as in nije prater beskôge wurde kinne soe, slacht dizze term benammen op minsken dy't de taal aktyf yn harren deistige taalrepertoire yntegrearre hawwe. De nije pratere brûke de nije taal faak alle dagen. Yn it gefal fan minderheidstalen binne nije pratere faak aktive brûkers en binne se harren bewust fan de lestige posysje dêr't dy talen ynsitte. Dêrom it brûken troch harren fan dy taal relevant.</p>
Taak	Yntrodusearje it konsept fan 'de nije prater' fan minderheidstalen en befoarderje it kritysk bewustwêzen oer de needsaak fan nije pratere as legitime en erkende proefpersoanen foar it brûken fan talen dy't foar harren gjin bekende talen binne.
Doelen	<p>Studinten:</p> <ul style="list-style-type: none"> • Erkenne de rol fan nije pratere yn de fitaliteit fan minderheidstalen; • Kinne in nije prater werkenne; • Stimulearje it aktive gebrûk fan in minderheidstaal as kommunikaasjemiddel.
Nivo/âldens	Heger middelber nivo fan mienskippen fan minderheidstalen
Stappen	<ul style="list-style-type: none"> • Jou in presintaasje oer it ûnderwerp en beneam de útdagings en mooglikheden fan dit nije sosjolingwistyske ûnderwerp; • Begjin in groepsdiskusje oer it no en de takomst fan minderheidstalen en jou de rol fan nije pratere in sintrale rol yn dat debat; • Stel yn de klasse fêst wa fan de learlingen heart by de groep nije pratere mei in famylje-eftergrûn, ynklusyf de minsken dy't in minderheidstaal brûke of brûkt hawwe (saneamde heritage speakers), en nije pratere sûnder eftergrûn, mar mei in positive hâlding foar de minderheidstaal dy't yn dy regio of mienskip praat wurdt. •

	<ul style="list-style-type: none"> • Bring de ûnderfinings yn kaart fan in famylje dy't de minderheidstaal ferfongen hat troch in mearderheidstaal en/of fan minsken dy't nije praters fan in minderheidstaal wurden binne. • Kies 2-3 frijwillige studinten dy't ien dei nije prater doare te wêzen. Reflektearje dêrop en diskusjearje yn in groep oer de resultaten fan dy mikro-etnografyen.
Tiidbeslach	2-3 lessen
Oanbelangjende kennisgebieten	Earste en twadde taal
Wurkwize	Yn groepen/teams
Materiaal	Fideo's, ynternet
Ynformaasjeboarnen	Sammele materiaal oer it spesifike ûnderwerp.
Evaluaasje	Iepenbiere diskusje oer it ûnderwerp
Oare aktiviteiten	Stimulearje om foar ien dei in nije prater fan in regionale of minderheidstaal te wêzen.

AKTIVITEIT 8: FERSKAAT OAN SKRIUWSYSTEMEN FAN MINDERHEIDSTALEN

Yntroduksje	<p>It multykulturele en meartalige karakter fan in beskaat lân is wurdt daliks dúdlik yn de ferskillen yn de skriuwsystemen dy't troch de ûnderskate talen brûkt wurde. Yn guon Europeeske lannen binne de ûnderskate alfabetten dy't troch de minderheidstalen brûkt wurde ûnderdiel fan it libben fan alle dagen en komt dat ta utering yn it taalkundich lânskip (bygelyks yn 'e foarm fan twatalige plaknammen). Mar hiel faak bliuwt de rike fariaasje fan dy ynteressante sichtbere ferskillen tusken minderheidstalen in 'ferburgen' en ûnbekende rykdom, dêr't de measte minsken yn de mienskip harren net fan bewust binne. Studinten ûnderwize hoe't se dy ferskate alfabetten werkenne kinne, wurdt sjoen as in ienfâldige manier om it bewustwêzen oer it ferskaat oan minderheidstalen yn in beskaat lân te ferheegjen. Fansels binne de ferskillen tusken alfabetten yn guon lannen hiel dúdlik en opfallend, wylst yn oare gefallen it ferskil tusken talen sit yn in pear ekstra diakrityske tekens of sels in kluster fan letters. Dêrom sil de útstelde aktiviteit oan de situaasje oanpast wurde moatte. De taak kin ek útwreide wurde oant bûten Europa om sa oare systemen dy't foar natuerlike talen oer de hiele wrâld brûkt wurde, derby te beheljen. It by steat wêzen om minderheidstalen yn alle gefallen op basis fan harren skreaune foarm te werkennen, draacht by oan de ûntwikkeling fan de kompetinsje meartaligens fan studinten op it nivo fan reseptive feardichheden.</p>
Taak	<p>Ûnderskate minderheidstalen werkenne troch de fisuele ferskillen yn harren skreaune foarm. Opsjoneel: ûnderskate skriuwsystemen werkenne.</p>
Doelen	<p>Haaddoelen:</p> <ul style="list-style-type: none"> • De learlingen yn 'e kunde komme litte mei it fisuele aspekt fan de skreaune minderheidstalen yn harren lân. • Learlingen fertroud meitsje mei inkelde skriuwsystemen dy't foar natuerlike talen brûkt wurde. • Learlingen bewust meitsje fan it bestean fan minderheidsgroepen yn harren lân en (as dat relevant is) dieden fan fandalisme. <p>Studinten:</p> <ul style="list-style-type: none"> • Erkenne en werkenne guon minderheidstalen yn harren skreaune foarm. • Erkenne en werkenne plaknammen sa't se yn guon minderheidstalen skreaun binne. • Kenne de regio's/gebieten yn harren lân dêr't twatalige nammen besteane. • Binne harren bewust fan de negative hâlding oangeande twatalige beweiwizing. • (Ekstra) Erkenne de karakteristike skaaimerken fan it spesifike skriuwsysteem. • (Ekstra) Kinne eksperimintearje mei it skriuwen yn in spesifyk skriuwsysteem.
Nivo/âldens	<p>Alle ûnderwiisnivo's, ôfhinklik fan de kompleksiteit en abstraksje en fan de lizzing fan de minderheidsgroepen.</p>

Stappen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Oefening yn it werkennen (yn twatallen of yn in groep) <ol style="list-style-type: none"> 1. Studinten keppelje stikken dy't yn spesifike skriuwsystemen skreaun binne oan nammen fan minderheidstalen. 2. Studinten sykje plaknammen by de spesifike minderheidstaal. 3. Studinten werkenne de meast 'sichtbere' eigenskippen dy't karakteristyk binne foar de skriuwsystemen; stelle it type fêst (it type alfabet of oare foarm fan ûnderskied) 4. 'Ferkiezing fan de moaiste taal': hokker fan de systemen fynst it moaiste? 2. Diskusje (wurkje yn groepkes, dêrnei klassikaal) <ol style="list-style-type: none"> 1. Binne alle talen dy't op 'e list steane as minderheidstaal, op de twatalige buorden op de foto's oanwêzich? 2. Yn hokker regio's yn dyn lân ferwachtest dy plaknammen? 3. Hokker belang/betsjutting hawwe dy plaknammen yn de lokale mienskip? 4. Hoe stiesto dêr foaroer? 5. Wêrom tinkst dat se somtiden fernield wurde? (as dat it gefal is) 3. Eksperimint <ol style="list-style-type: none"> 1. 'Geheim boadskip'. Meitsje mei help fan in alfabet fan in minderheidstaal in ienfâldich boadskip dat oaren ûntsiferje moatte (tink derom: dit wurket it bêste mei Latynske en Syrillyske alfabetten). 2. Keunstwedstriid: <ul style="list-style-type: none"> - Wa kin as bêste in tekst oerskriuwe yn it skriuwsysteem fan in minderheidstaal? - Meitsje in ornament of in oar keunstwurk dêr'tst tekstfragminten by brûkst.
Tiidbeslach	4 oant 8 lessen
Oanbelangjende disciplinen	Earste en frjemde talen, ierdrykskunde, sosjale wittenskippen, ynterdissiplinêr projekt
Wurkwize	Wurkje yn groepen en yn twatallen, klassikale besprekking
Materiaal	Printe stikken tekst dy't yn minderheidstalen skreaun binne, foto's fan plaknammen (online of troch studinten yn it gebiet makke, as dat kin). Online materiaal oer spesifike skriuwsystemen.
Ynformaasjeboarnen	Ynternet, offisjele webside fan de oerheid oer twatalige beweiwizing (as dat relevant is), lânkaarten
Evaluaasje	Evaluaasje fan it ferslach en de presintaasje
Oare aktiviteiten	Ferskowing fan printe teksten nei de klankwrâld (talen werkenne troch de wize wêrop't se klinke mei help fan opnommen materiaal).

AKTIVITEIT 9: NET-TERRITORIALE TALEN

Yntroduksje	Net-territoriale talen en harren praters hawwe faak te krijen mei spesifike problemen en diskriminaasje. Dêr mear oer witte ferminderet eangst en foaroadielen en biedt de mooglikheid op in op in freedsum mei-inoar libjen en mear sosjale rjochtfeardigens.
Taak	Breinstoarmje en ynformaasje sammelje oer net-territoriale talen en harren praters. It tarieden fan in útnûging en fragen foar de praters fan dy talen.
Doelen	<p>Studinten:</p> <ul style="list-style-type: none"> • Witte it ferskil tusken territoriale en net-territoriale talen. • Kenne net-territoriale talen yn eigen lân en dêrbûten; • Kenne it miljeu, de skiednis en de problemen fan net-territoriale talen en harren praters; • Leare oer de kultuer, de manier fan libjen en organisaasjes fan praters fan net-territoriale praters.
Nivo/âldens	Fuortset ûnderwiis (12 – 19 jier)
Stappen	<ul style="list-style-type: none"> • Plenêr breinstoarmje en diskusjearje. As it fan belang is, famyljeskiednis beprate • Mear ynformaasje yn de biblioteek opsykje en op it ynternet • Fragen formulearje foar de útnûge sprekkers fan net-territoriale talen (yn twatallen) • De moeting organisearje • Mei de sammele ynformaasje in poster meitsje • De poster presintearje
Tiidbeslach	4-6 lessen
Oanbelangjende dissiplinen	Taalrjochtings, skiednis, sosjale stúdzjes, ynterdissiplinêr projekt
Wurkwize	Klassikaal, yndividueel of yn twatallen
Materiaal	Skiednisboeken, ynformaasje fan organisaasjes, dokuminten fan de Europeeske Ried, literatuer, wurdboeken
Ynformaasjeboarnen	Ynterviews, ynternet, ferskate dokuminten
Evaluaasje	Presintaasje fan de poster
Oare aktiviteiten	Studinten motivearje om presintaasjes of wittenskiplik wurk ta te rieden oer net-territoriale talen en harren praters, in artikel te skriuwen foar de skoalkrante of útwikselings te organisearjen mei famyljes of mei oare lannen oer deselde of ûnderskate net-territoriale talen.

AKTIVITEIT 10: GEBEARTETAAL

Yntroduksje	Gebeartetalen wurde net troch it Europeeske Hânfêst foar Regionale talen en Minderheidstalen beskerme. Organisaasjes, ûndersikers en lannen diskusjearje lykwols oer de mooglikheden om sy yn de beskermingsregeling fan it Hânfêst te yntegrearjen. Omdat gebeartetalen faak yn ferbân brocht wurde mei in handicap yn stee fan as folweardige talen sjoen te wurden hat dizze aktiviteit benammen te krijen mei de juridyske, taalkundige en sosjale erkenning fan gebeartetaal yn it algemien.
Taak	Breinstoarmje en ynformaasje sammelje oer gebeartetalen en de problemen en útdagings foar de brûkers dêrfan (juridysk ramt, organisaasjes, diskriminaasje, kultuer, biografyen, ensfh.). In útnûging tariede en ek fragen foar de brûkers fan gebeartetalen en dôvetolken.
Doelen	<p>Studinten:</p> <ul style="list-style-type: none"> • Binne harren bewust fan it feit dat taal trochjûn wurde kin yn mûnlinge en skriftlike foarm en mei gebearten • Leare dat der ûnderskate gebeartetalen binne • Kenne de grûnwetlike en juridyske beneamings fan gebeartetaal • Leare minsken kennen dy't gebeartetaal brûke • Kenne literatuer, films ensfh. dy't oer gebeartetaal geane • Leare inkelde gebearten • Witte hoe't gebeartetolken wurkje.
Nivo/âldens	Ôfhinklik fan it nivo fan kompleksiteit en abstraksje: ein basisskoalle en begjin fuortset ûnderwiis.
Stappen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Presintaasje fan it ûnderwerp: breinstoarmje oer de oerdracht fan berjochten yn mûnlinge, skreaune foarm of yn gebeartetaal. Beneam persoanen, literatuer en films dy't te krijen hawwe mei gebeartetalen en lis út wat 'twatalich' / 'meartalich' yn dizze kontekst betsjut. 2. Spultsje of wedstriid: Hoe sette studinten berjochten yn gebeartetaal oer: "Ik haw honger", "Ik gean moarn fuort", "Hoe let is it"? De klasse riedt dêrnei. 3. Tarieding fan in útnûging oan in dôf persoan en in gebeartetolk (de persoanen fine, se útnûgje, de fragen formulearje, ensfh. (mei syn twaen). 4. Moetsje minsken en stel se fragen (klasse). 5. Skriuw in koart ferslach, poster of rapport oer it ûnderwerp en set it op in elektroanysk platfoarm (mei syn twaen). 6. ûnderlinge beoardieling fan it produkt (klasse).
Tiidbeslach	2 oant 4 lessen
Oanbelangjende dissiplinen	Talen of sosjale wittenskippen, ynterdissiplinêr projekt
Wurkwize	Klassikaal en mei syn twaen
Materiaal	Ynternet, biblioteek
Evaluaasje	Ferslach, poster of elektroanysk platfoarm
Ynformaasjeboarnen	Biblioteek, organisaasjes, persoanlike kontakten, ynternet

WURDLIST⁷

1. Twatalich ûnderwiis

It ûnderwizen en learen fan ynhâld, dissiplinen, dielen fan dissiplinen of ynterdissiplinêre projekten yn op syn minst twa talen yn alle fazen fan it ûnderwiis, op frijwillige of ferplichte basis.

2. Ried fan Europa

Ynternasjonale organisaasje mei as wichtichste doelen it ferdigenjen en beskermjen fan minskerjochten, demokrasy en de rjochtsteat. De Ried is yn 1949 oprjochte en der binne 47 lidsteaten mei 800 miljoen ynwenners. It haadkertier sit yn Straatsburg.

3. Dialekt

In taalkundige fariëteit wêrfan't de grammatika en fokabulêre in byld jout fan de geografyske en/of sosjale eftergrûn fan de praters.

4. Bedrige taal

In taal wêrfan't de takomst yn gefaar is, op koarte of middellange termyn. Der binne ûnderskate nivo's fan bedriging, fariearjend fan licht oant ernstich bedrige.

5. Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden

Ynternasjonale ferdrach fan de Ried fan Europa mei as doel regionale en minderheidstalen te beskermjen en befoarderjen. It waard yn 1998 fan krêft.

6. Taalwetjouwing

Wetlike noarmen dy't troch iepenbier ynstânsjes fêststeld binne, oangeande de status en it brûken fan taal (talen) op ûnderskate mêden: skoallen, media, bestjoer, polityk en it sosjale libben. Yn it gefal fan regionale talen of talen fan minderheden is in adekwaat wetlik ramt nedich om dy te beskermjen.

7. Taalrjochten

Boargerrjochten oangeande it brûken fan talen op in beskaat mêd, by in organisaasje of ynstelling. In foarbyld is it rjocht dat elk minske yn in rjochtbank ynformearre wurde moat yn in taal dy't er begrypt, of it rjocht om alle talen of fariëteiten (frijheid fan taal) te brûken dy't diel útmeitsje fan de grûnrjochten.

8. Taalkundich lânskip

Waar te nimmen skreaune en mûnlinge spoaren fan taal yn de iepenbiere romte, dy't offisjeel wêze kinne (ferkearsbuorden, strjitnammen, ynformaasje yn/op iepenbiere gebouwen, ensfh.), mar ek partikulier (menu's yn restaurants, ynformaasje yn winkels, advertinsjes, ensfh.) of uterings fan protest (graffity, tags, ensfh.). It taalkundich lânskip is in betroubere yndikator fan taalkwestjes yn in beskaat gebiet, en fan de fitaliteit fan de talen dy't dêr by hearre. De situaasje yn in gebiet mei in stedsk karakter wurdt soms stedslânskip neamd, en dy fan orale spoaren klankwrâld.

9. Taalkundige foaroardielen

In befoaroardiele byld fan talen en harren praters, basearre op in tekoart oan kennis, in gefoel of in eksplisite ideologyske posysje. Foaroardielen wurde troch de mienskip faak algemien akseptearre, wêrtroch't se dreech te werkennen binne.

⁷ De definysjes yn dizze wurdlist komme net altyd oerien mei dy yn it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden.

10. Mearderheidstaal

Yn in meartalige kontekst is dat in taal dy't gewoanwei in grutter tal praters hat. Faak giet dat lykop mei mear prestiizje en legitimaasje yn ferliking mei minderheidstalen.

11. Migrantetalen

Talen dy't praat wurde yn ymmigrantemienskippen of troch minsken dy't om ûnderskate redenen (flechtsje foar konflikten of ferfolging) harren lân fan oarsprong ferlitte moatten hawwe.

12. Minderheidstaal

Talen dy't by âlds praat wurde yn in beskaat grûngebiet fan in steat, oars as in mearderheidstaal (-talen). Oer it generaal hawwe dy talen in leger tal praters. Sjoch ek regionale taal.

13. Meartaligens

It neist inoar bestean fan mear as ien taal yn in spesifike groep of mienskip, lykwols betsjut it net dat se op grutte skaal of troch de hiele befolking brûkt wurde. Alle mienskippen binne feitlik meartalich. Sjoch ek nr. 17 meartalichheid.

14. Nije prater

In persoan dy't in taal yn syn/har kommunikative repertoire hat, dy't net de taal is dy't hy/sy yn syn/har jonge jierren leard hat of het de taal fan syn/har famylje is. Oer it generaal binne dy talen oanleard yn de sekundêre sosjalisasje (it ûnderwiisstelsel, wurk, sosjale netwurken). Nije praters fan regionale of minderheidstalen helpe mei it feilich stellen fan it behâld fan dy talen en nij libben yn te blazen.

15. Net-territoriale taal

In taal dy't brûkt wurdt troch in mienskip dy't by âlds net oan in spesifyk grûngebiet yn in lân tawiisd is.

16. Offisjele taal

In taal dy't spesifyk sa erkend is yn de wetjouwing fan in lân, regio of elk oare iepenbiere of partikuliere ynstelling.

17. Meartalichheid

It fermogen fan in yndividu om mear as ien taal te brûken. Sjoch ek 13. Meartaligens.

18. Taalbelied

Alle yntervinsjes oangeande taalkwestjes dy't troch in spesifike ynstelling útfierd wurde, of publyk (bygl. oerheden, ûnderwiisstelsel, rjochtbanken), of partikulier (bygl. bedriuwen, famyljes, media) troch de ynfiering fan wetten, noarmen en praktiken, dêr't it doel fan is om yn te gripen op de struktuer, funksje, gebrûk en it learen fan taal (talen).

19. Regionale taal

In taal dy't yn in spesifike geografyske regio praat wurdt, mar net yn it hiele lân. Sjoch ek minderheidstaal.

20. Gebeartetaal

Taal fan fisuele, romtlike en manuele aard mei gebearten, dy't tradisjoneel troch dûven en dôfblinen brûkt wurdt.

21. Toponymy

De plaknammen en de stúdzje dêrfan, ek wol plaknamkunde. Mikrotoponymy giet oer de nammen fan strjitten en lytse plakke, wylst makrotoponymy oer gruttere ienheden, lykas stêden of provinsjes of lannen giet.

Fierder lêze:

Beacco, Jean-Claude; Byram, Michael; Cavalli, Marisa; Coste, Daniel; Egli Cuenat, Mirjam; Goullier, Francis; Panthier, Johanna (2010). *Guide for the development and implementation of curricula for plurilingual and intercultural education*. Strasbourg: Council of Europe. www.coe.int/t/dg4/linguistic/guide_curricula_EN.asp

Beacco, Jean-Claude; Fleming, Mike; Goullier, Francis; Thürmann, Eike; Vollmer, Helmut; Sheils, Joseph (2016). *A handbook for curriculum development and teacher training. The language dimension in all subjects*. Strasbourg: Council of Europe. <https://rm.coe.int/a-handbook-for-curriculum-development-and-teacher-trainingthe-language/16806af387>

Bernaus, Mercè (coord.) (2007). *Plurilingual and pluricultural awareness in language teacher education*. A training kit. Strasbourg: ECML, Council of Europe. http://archive.ecml.at/documents/B2_LEA_E_web.pdf

Bernaus, Mercè; Furlong, Áine; Jonckheere, Sofie; Kervran, Martine (2011). *Plurilingualism and pluriculturalism in content-based teaching*. A training kit. Strasbourg: ECML, Council of Europe. www.ecml.at/tabid/277/PublicationID/69/Default.aspx

Camilleri Grima, Antoinette (coord.) (2007). *Promoting linguistic diversity and whole school development*. Strasbourg: ECML, Council of Europe Publishing. https://books.google.ch/books?id=Fyy80aL5GEIC&pg=PA3&lpg=PA3&dq=Camilleri+Grima+Young+H%C3%A9lot+linguistic+diversity&source=bl&ots=OhpR2_JmOu&sig=hhj7b81hQnmliBNk6lkj56NcW8&hl=fr&sa=X&ved=0ahUKEwj5wZTj1cHaAhVhL8AKHb6PCuMQ6AEILjAB#v=onepage&q=Camilleri%20Grima%20Young%20H%C3%A9lot%20linguistic%20diversity&f=false

Candelier, Michel (coord.) (2012). *FREPA. A framework of reference for pluralistic approaches to language and culture. Competence and resources*. Strasbourg: ECML, Council of Europe. www.ecml.at/Resources/ECMLPublications/tabid/277/PublicationID/82/language/en-GB/Default.aspx

Cortier, Claude; Cavalli, Marisa (eds.) (2012). *Langues régionales/minoritaires dans l'éducation bi-/plurilingue – Langues d'ici, langues d'ailleurs issue du projet Langues minoritaires, langues collatérales et éducation bi-/plurilingue*. Graz: Conseil de l'Europe. <http://ebp-ici.ecml.at/Publication/tabid/2537/language/fr-FR/Default.aspx>

Council of Europe. *European Charter for Regional or Minority Languages – Giving regional and minority languages a say!* Strasbourg: Council of Europe. <https://www.coe.int/en/web/european-charter-regional-or-minoritylanguages/brochures>

Council of Europe (1954). *European cultural convention*. Strasbourg: Council of Europe. www.coe.int/en/web/conventions/full-list/-/conventions/rms/090000168006457e

Council of Europe (1992). *European Charter for Regional or Minority Languages*. Strasbourg: Council of Europe. www.coe.int/en/web/conventions/full-list/-/conventions/rms/0900001680695175

Council of Europe (1995). *Framework Convention for the Protection of National Minorities*. Strasbourg: Council of Europe. www.coe.int/en/web/conventions/full-list/-/conventions/rms/090000168007cdac

Council of Europe, Committee of Ministers (1998). *Recommendation No. R (98) 6 of the Committee of Ministers to member states concerning modern languages*. Strasbourg: Council of Europe. <https://rm.coe.int/16804fc569>

Council of Europe. Language Policy Unit (2014). *Language for democratic and social cohesion. Diversity, equity and quality*. Strasbourg: Council of Europe. www.coe.int/t/dg4/linguistic/Source/Source2014/LPU-60ans_EN.pdf

Council of Europe (2016). *Competences for democratic culture. Living together as equals in culturally diverse democratic societies*. Strasbourg: Council of Europe. <https://rm.coe.int/16806ccc07>

Council of Europe (2017). *Language support for adult refugees: A Council of Europe toolkit*. Strasbourg: Council of Europe. <https://rm.coe.int/language-support-foradult-refugees-the-council-of-europe-toolkit/1680737a2f>

Council of Europe (2017). *Language Education Policy Profiles*. Strasbourg: Council of Europe. www.coe.int/t/dg4/linguistic/Profils_EN.asp

Halwachs, Dieter W.; Klinge, Simone; Schrammel-Leber, Barbara (2013). *Romani. Education, segregation and the European Charter for Regional or Minority Languages*. Graz: GLM.

European Centre for Modern Languages, Council of Europe. www.ecml.at

Little, David; Lazenby Simpson, Barbara (2008). *A curriculum framework for Romani*. Strasbourg: Council of Europe. www.coe.int/t/dg4/linguistic/Romani_doc_EN.asp

Louarn, Malo (2013). *Der Schmierflink von Panatesien. Der erste Comic der Welt über Minderheitensprachen*. Strassburg: Europarat.

McCake, Joanna; Tinsley, Teresa (coord.) (2007). *Valuing all languages in Europe*. Strasbourg: ECML, Council of Europe. <http://archive.ecml.at/mtp2/publications/valeurreport-e.pdf> Publications on the European Charter for Regional or Minority Languages: <https://rm.coe.int/publications-on-the-european-charter-for-regional-or-minoritylanguage/16806d3652>

Sign languages and the CEFR. ECML, Council of Europe. www.ecml.at/ECMLProgramme/Programme2012-2015/ProSign/tabid/1752/Default.aspx

Timmermans, Nina (2005). *The status of sign languages in Europe*. Strasbourg: Council of Europe. <https://rm.coe.int/16805a2a1a>